



Wikje' kar : oarspronkelik Frysk toanielstik yn fjower útkomsten

<https://hdl.handle.net/1874/233711>

mm 010126

-X

WIKJE' KAR.

OARSPRONKELIK FRYSK TOANIELSTIK

YN

Flower útkomsten.

[*Fl. Hoardkant*]
[*ut de*)



FRJENTSJER,
BY T. TELENGA.
1884.




Wb. E. g¹

WIKJE' KAR.

OARSPRONKELIK FRYSK TOANIELSTIK

YN

Flower útkomsten.



FRJENTSJER,
BY T. TELENGA.
1884.

'K SCIL 'T BISIIKJE.

BORGER.

In wirtke foáróf.

„WIKJE' KAR” is it alderlêst úntstien nei oanlieding fen de bikinde „priisfraech” fen it Liowter Toanielselskip. Dij 't de Liowter kranten fen de 3de fen Heamoáinne oan 't de 4de fen Hjearstmoáinne 1884 lêsen hat, scil wite hwet gong dij „priisfraech” nomd hat, en dat „WIKJE' KAR” ien wier fen de flower stikken, dij 't troch de Karcommissie „op tal” set binne.

Hied de útjower, dij 't mei „SMIDS FEIKJE” al oan 't printsjen wier, der mij net op oansocht, den wier ik er siker yet net sa ringen ta oergien om it stik yn 't liocht to stjúren. Hwent ik bin gjin Fryske skriuer; hab oan 't nou yet nea net it ien ef 't oar' yn 't Frysk printsje littén en think er op dit amerij eak hiel-end-al net oer om dat yn 't forfolch wer to dwaen. Derom to minder ha 'k it nedich achte om myn namme op it titelblêd to pleatsen.

„WIKJE’ KAR” is hiel-end-al oarspronkelik. Ik haw bij it skriuen derfen nin inkeld — Frysk ef ûnfrysk — stik fen fierer ef tichte-bij folge. De „karakters” binne krekt sa teikene as hia hiar yn ‘e Fryske wrald foardien habbe.

Under it opsetten fen it wirk haw ik yet eak hjir it each op slein: om in stik to meitsjen, dat mei-iens in ynerlik diel mielet fen echt-Fryske seden en brûkmen, sa as dij yn ’t Fryske folkslibben fêstwoártele sitte en troch de ieuwen fen foáralder ta alder op it tsjinwirdiche skaei oerbrocht binne; — seden en brûkmen, dij ’t min -- leau ik — sa nearne yn Nederlân werfynt; — seden en brûkmen eak, dij ’t yn in tiid as uers, dij ’t sa folle út-en-oar smyt en weifaaget; dij ’t de gek hat mei de oerlieuering (traditie); en dij ’t wraldboúrgerskip foár folksbisteau yn ’t plak stelt, — swietkeswei forbasterje en mei koártere ef langere jieren fordwyne moátte.

Hwet de útkomsten oangiet, yn de foarste wirt de knóattelein en kin min da’lik fielevet de „intrigue” wirde scil. Yn de oárde is probearre om — súnder sleau to wirden — in fryersjoun wer to jaen, en to teikenjen hwet soart fen pitearen der sokke tiiden meast halden wirde. ’t Forhaeltsje fen Waltinga’s

Doede mei Riemke Inia is bard, en kin tsjinje om sjen to litten ta hwet útwrûdske dingen de greate vrijheid yn 'e frijerij yn Fryslan soms hinne fier. Dat Lieue en Wikje mei gjin inkeld wird fen lieafde prate, al kin min dûdlik merke dat hja in bult fen 'n oar halde, moât nimmen forwunderje. Wij hawwe hjir yet allinne mei in „losse” frijerij to dwaen, en beide partijen wolle derom noch net yn worden útsprekken, dat hja op elkoar forslingere binne. — Yn de trêdde útkomste komt de smert fen Lieue oer Wikje hiar dwaen aan 't liocht, en yn de fjirde folget de forsoening.

Ik ha der fjirder op út wêst om inkelde worden, dij 't driigje foart to fleanen en tsjinwirdich mar to min brûkt werde, beet to halden en yn 't pitear op to nimmen.

Oer de spelwiize swij ik. Dij 't er hjir ef der hwette frjeamds yn fyne mochte, anderje ik allinne, dat ik net mei willekar to wirk gien bin.

— *It stik einling lit him maklik spylje. De jongfeinten Pyter, Willem en Dowe komme allinne yn de foarste útkomste foar. Dijinge hwa 't disse persoanen foarstelle, kinne eak brûkt werde, om de rollen fen Oeds — dy 't yn de oârde en fjirde — ; Sybren*

Jennema en Rients — *dij 't yn de trèdde —, en Dokter — dij 't yn 'e fjirde útkomste opkomme moát, op hiar to nimmen.* Foár Minke en Máery kinne Anke en Wikje nomd wirde, as 't nedich is, hwent disse flower frouliu komme eak yn ûngelykense útkomsten foar. Mei 5 manliu en 2 frouliu is it stik derom, as 't wêse moát, op to fierer.

En hjirmei, lésers, spilers en hearders: farrewol!

Hjeartmoánne, 1884.

DE SKRIUER.

De foarste útkomste spilet op in Thongersdei (wíkmerkedei), yn 't efterkeamerke fen 't âld Blauhûs, in herberg to Bolswert.

De oarde op de Sneintojouns deroan, yn it milhûs fen Minne Gerbens.

De trédde de Moándeis derop, oer in wíke, yn 'e pûskoken bij Sybren Jennema.

De fjirde in moánne ef fiif letter, yn 't binhûs fen Minne Gerbens.

De earste trije yn 'e simmer en de lêste om krístiid hinne, yn 't jier 1870.

P E R S O A N E N.

LIEUE SYBRENS JENNEMA,
KLAES BOUKES WALTINGA,
PYTER RUERDS HEPPEMA,
WILLEM HANZES IPKEMA,
DOWE SAKES BIRNIA,
MINKE, *kasteleinske.*

ANKE , }
WIKJE , }
OEDS, *soan* }

alle fijf jong-feinten en
boeresoánnen, om Bols-
wert-hinne wei.

MINNE GERBENS, *in wolsteld boer derearne.*
SYBREN JENNEMA, }
MÁERY, *syn wiif* }
RIENTS, *in boerefeint.*

In dokter.

Foarste útkomste.

It toaniel stelt foar it eftrekeamerke, mei de strjitte allyk, yn 't ald »Blauhús,” in bikinde herberg midden yn Bolswert, sa as dit er foár de lèste forbowing sen dij herberg, yn 'e tiid dat dit stik spilet, yet yn wesen wier. () Oan 'e riuchterkant in blíne muorre, de estermuorre sen de herberg. Op 'e eftergroun in kas of kamminet, tsjin in muorre aan. Oan 'e lof-terkant in houten skut, en yn 't midden dersen in ridlik breede doar, dij iepen stiet en wertroch min út de jachtweide wei yn 't keamerke — en út it kea-*

(*) Dit efterkeamerke wier in lyts, úndjip fortrek, flak aan 'e jachtweide, dy 't min trochrinne moást om er yn te kommen. Thongersdeis wier it skut, dat dit keamerke fen 'e jachtweide skaette, mear ef minder wiid weinomd ef opplein, sa dat men er sa mar yn rinne koe. Dit naem lykwol net wei, dat der (bihalwen op 'e drokste dagen yn 'e bjearst en maeitiid, foar in tochje) omtrint oars net as jong-feinten — meast boeresoánnen — yn gearhokken, dy 't it keamerke sahwet as hiarres oanmirken, der it oare foltsen, dat yn 't Blauhús kaem, njunkelytsen súnder praeten yn tastimd skynde to hawwen. Alteas sa lang ás 't net knypte, gyng nimmen oars der hast sitten.

Do 't it Blauhús foár koárte jierren forboud en yn in nijmoáderige herberge foroare is, is dat alde, ienfaldige keamerke eak weibritsen.

merke wei yn de jachtweide opsjen kin. (De tapkas is yn 'e jachtweide, tsjin it houten skut sen it e/ter-keamerke aan) It keamerke is grien yn 'e ferwe Op it toaniel in lange taefel. Der omhinne stuollen, dij sa set binne, dat hwa 't er op sit. yn 'e jacht-weide opsjucht, en dij 't soar oan 'e lofsterkant net fier sen 't skut ousteane

FOARSTE TOANIEL.

LIEUE. allinne. (Hy stiet mei ien hân rstende op de bklenning sen in stoel.)

't Is dochs raer, hwer Klaes sa lang blieut. Ik hab him dûd'lik skrieun, dat ik him hjir om healwei âlwen forwachtsje scoe, en nou is 't op slach sen âlf ûre, wylst ik jimmer yet allinne bin. Mar ik bin it ommers eak wol wend: Klaes komt noait ier yn 'e std. Hja habbe ths in greate boerkerij, dij 't hja hast hiel-end-al mei eigen folk birdde motte. En derbij, thins ik, tsjinwirdich eak yet drok yn 'e ngetiid: de haeying is sa let fen 't jier. Ik hab to minsten yet gjin ien fen s kaemeraten yn 'e std sjoen, en it blieut oan 't nou sa stil yn 'e herberg krekt as ef hjir hioed, bûten mij, nimmen komme scil. As dij ngetiid mar net makket, dat myn hiele plan t-enoar falt. Hwent Klaes

syn heit . . . mar sjuch , der komt Klaes sels krekt
de jachtweide ynstappen. — (*Wylst Klaes opkomt :*) Sa
alde jonge, bist der einling ? Hwet hast mij lang
wachtsje litten !

OARDE TOANIEL

LIEUE. KLAES.

KLAES.

Goe'n dei , Lieue. (*Hja fûskje*). It spyt mij ,
dat-ste op mij wachtsje moâste, mar sîker jonge, ik koe
net ierder fen 'e pôale brekke. Dou wítste ho drok it
moárns by úzers is , en den yet dij ûngetiid derbij. It
spant er danich om, der moarns sa gau út to kommen.
Hied ik eak sa folle vrij as dou, den scoe 't maklicher
gean. (*Hja geane op de stuollen aan de losterkant,
bij it skut, foar op it toaniel sitten.*)

LIEUE.

Och, hwet praetste, ik ha neat mear vrij as dou. Mienst
dou den, dat ik thús neat útfier ? Mar, lit ús der mar
oer swije, want ik wít wol, dat-ste mij op dit pont dochs
net leaue wolste. Siz mij ljeaver e'ris hwet-ste fen
myn plan thinkste, der 't ik dij in myn brieffen forli'ne
snein oer skrieun haw.

KLAES.

Om mei ús sammen nei Liowter merke to riiden ?

LIEUE.

Krekt, mij thinkt, dou scilst er eak wol sin oan habbe, net?

KLAES.

Dat hoeft mij w'reftich net to freegjen. Da'lik do ik dyn briefke úntfusen hie, ha 'k er mei ús heit oer praet, en 't foel mij genôch ta, dat dij net mear swierrichheid makke. As de úngetiid fen 'e wíke dien of skraech wirk dien koe, hie hij der neat op tsjin dat ik gong, sei er. En nou it waer yn 'e lèste daegen sa fèst blieun is, scille wij it hea oaremoarn in hiel ein hinne yn 'e skuorre krije, thins ik. Fen myn syde bin ik dos da'lik klear om dyn foarstel oan to nimmen.

LIEUE.

Kom, sa mei ik it heare! Wit-ste ho 'k 't nou bigrepen ha? Wij wieren ommers beide dochs fen foánnimmen om sneintojoune nei Minne Gerben's to gean, om to sjen of syn beide fammes-bern yet soun binne; kom dou den snein bij úusers to iten, den kinne wij — lyk as wij dat wend binne op sokke dagen — e'ris wer in riu pleisierige t're mennich mei ús beiden slyte en yet 'ris op syn álf-en-tríttichst oer it pretsje, dat wij yn 't foarútsicht ha, prate.

KLAES.

Ja, dat is allegearre sa moai as 't mar kin, en ik scil jern oan dyn frienlik noadsjen foldwaen, mar dou

praetst er oer, krekt as alles nou al foár-enoar is, en thinkst er, sa 't lyket, net om, dat wij der yet neat fen wíte ef de frouliu wol mei ús plan iens binne.

LIEUE.

D'r mei iens? Thinkst dou den, dat der gefaer foár is? Ik woe dij wiizer hawwe. Jonge fammen scoen eak bitankje as hija oanbean wirt mei nei Liowter merke út to riiden to gean! Kom, kom, leau mij mar vrij, dat Wikje en Anke snein-tō-joune hwet bliid op-heare en hiel net wegerje scille, as wij hija freegje om takomme freed mei ús nei Liowert en de oare deis nei 't Oranjewâld of Beetstersweag to riiden; — foaral Wikje, dy 't forlínue simmer, omdat hija do hiel-tiid gammel wier, jimmer thús sitten hat.

KLAES.

Né, sa dom bin ik eak net, mar dou litst mij net útpraete. Ik mien, al habbe de frouliu der noch sa'n sin oan om e'ris mei hija seinten út to riiden to gean, derom kin 't yet wol wêse dat it foar hija sels ef bij hija res thús net sa goed útkomt om der foart yn 'e nije wíke yu ienen mar út to brekken; dou wítste, hija habbe gjin mem en de húshalding drieut ommers op hija beiden.

LIEUE.

Der hast gelyk oan; mar om sok ding hie 'k hiel-end-al net thocht; it is mij yet nea oerkomd dat in faem

tsjin kearde, as ik hiar sa'n soart fen foarstel die ; mar dou biste eak in jier ef trije, flower alder en sjuchste de dingen better troch as ik. (*Nei in amerijke*) Nou, as der gjin slimmer strûkelblokken yn it paed lizze, ha 'k gjin noed ef it pleisierreiske seil wol trochgean. Wier 't mar sa fier ! De frouliu scille wol soârgje dat bij hiarres it spil foár in dei ef trije eak sùnder hiar wol rædden wirde kin. Thinkt dij eak net ?

Mar nou 't wij 't dochs oer ús frijerij habbe, woe 'k dij yet hwette freegje. Ho thinkste oer myn lange kommen bij Wikje ?

KLAES.

Ik mei dij wol werom freegje : ho moát ik dij fraege opfetsje ?

LIEUE.

Dat scil ik dij sizze. Dou wítste, it is nou lykernoch trije fearnsjier, dat ik bij hiar rin. 't Is de earste kear dat ik sa'n rek oanien deselde faem ha. Foárhinne duorre it nea net langer as twa, trije moánne en ik hie wer in oaren. Mar mei disse faem is 't hiel hwet oars. Do 'k earst in kear twa bij hiar wêst hie, thocht ik : ik leau net, dat dit jern spinne scil, sa ûnforskillich en op in oustân wier hja. Ik ha dij der wol e'ris hwet fen útlitten. Ho faeker as ik lykwol bij hiar kaem, ho mear dij iiskoárste bij hiar bigoun to teyen en ho better wij elkoar forstiene. Ik wit sels net ho 't sa linkjende

wei komd is, en dochs, eltse kear as ik er yn 'e lèste tiiden oer thochte: „scoe it grapke mei ús twa-en nou net langer-nôch duorre hawwe?” wier 't as yn ienen derop in stemme yn mij flûstere: „né, dou kinst yet net fen biaar ousjen, probjearje it mar.”

Hwet mei dat dochs wol wêse en hwet scil der út foárkomme? Wier ik nou lyke ald as dou, den wier 't hwet oars. 't Koe wêse, dat ik den myn sinnen wol graech foár goed op *ien* frouminske sette woe, mar ik bin ommers yet mar krekt tweintich jier en „in fêste saem” of „boaskjen” binne wirden, dy 't nea yet net yn mij opkomd binne, ja, dij 't ik, om de wierheit to sizzen, net begryp en eak yet net forsteaan *wol*.

KLAES.

Ik wit síker net hwet ik dij derop anderje moát. Faeker as ienderis as wij oer ús fammen praetten, haw ik opmirken, dat Wikje dij lang net ûnforskillich wier; hwet mear is: dat hja dij ûngemirken wei minder ûnforskillich waerd; mar om 't alles hwet ik dijoangeande oan 't nou ta fen dij hearde jimmer loftich praet wier, hie ik eak gjin reden om der djipper oer nei to thincken. Nou-ste er lykwolsels fen bigjinste en myn mieming deroer fregeste, wol ik jern sizze hwet mij derfen thinkt.

As it wier is, dat dij stimme, hwer-st-dou niis fen spriekste, sa yn dij flûstert, is 't eak wier, dat Wikje dij neyer oan 't herte leit as-t-dou sels op 'e flakte

miene scoeste. Ik leau frieun, dat-ste dyn hert nea yet net undersocht haste, hwent hiest, nei al 't jinge der oer disse faem yn dij omgien is, dat dien, den scoest it antwird op dyn fraegen al lang fen bûten kind ha. Wol ik dij nou e'ris yn koárte worden útlizze, hwet dat mei dij wèse mei en hwet der út foartkomme scil? — Dij seftse, golle, frieunlike Wikje hat dij sùnder erch yn 'e maling kríge en bitsjoend, en dou haldst folle mear fen hiar as-te sels wítste of dij bikinne scoest doare. Sa is 't mei dij. En hwet dêr út foartkomme scil? Earst yet in tochje mei elkoar frije, súnder dat er fen wearskanten eat oer it teare pont, dat alle twa hiel goed kinne en derom soárchfaldich mijne, spritsen wirt, ta 't einling op in amerij, as der allerminst foárôf oer neithocht is, de tongen losreitsje en útsprekke hwet er al sa lang oplein hie, en jimme beide al wiken fen to foaren thûsenkearen út elkoars eagen lësen hiene. En as dat amerij foarbij is, traepje jimme fen sels swietkes wei it paed op, dat yn 't einslûten op 't boask útrint.

Nou, hwet seist' der fen?

LIEUE.

Neat; sok praet rint mij to heech en to fier. Litte wij hioed hjiroer mar net fierder trochgean, mar dit preauke biwarje aan takomme snein ta, as-t-dou bij úusers biste. Den binne wij eak frijer en is der minder gefaer dat wij bilústere wirde.

KLAES.

Dat hast' goed, hwent niis seach ik yn 'e jachtweide
 al in ploechje folk om 't taefeltsje bij de tapkas hjir om
 't hoekje gearhokjen, der 't eak yette wol fen ús kunde
 bij wier, sa as Riuerde Pyter, Sake Dowe en Willem
 Ipkema. Bij 't ynkommen habbe dij ús hjir wol sitten
 snoen, en ik think, hja scille hjir eak wol ringen komme. ---
 Mar ho lyket dij it ta, as wij e'ris in heal fleske biar (*)
 keapen? It is sa waerm, ik hab er al toarst op kríge,
 en de kastelein scoe 'k miene, scil mei de drokte op it
 gjild hioed syn fortsjinst eak wol oersjen kinne. As 't
 er neat op tsjin baste, wol ik dij nou e'ris traktearje.
(Tjin de hospes.) Lolke!

TRÊDDE TOANIEL.

De foarigen. MINKE.

MINKE.

(De kasteleinske komt op.) Hjur ha jimme inpleats
 fen Lolke, syn wiit. G'ndei Waltinga, Jennema. Hwet
 moát der wêse?

(*) Biar waerd yn de tiid dat it stik spilet yet lang net
 sa folle dronken as tsjinwirdich. Meast wier 't op wikmerke-
 daegen köffy, madéra, braamboaskes ef sterke dranken. As
 ik it jongfolk derom eltse kear biar freegje lit, kin dit er
 allinne op troch, omdat it sa waerm wier dij deis.

KLAES.

In pear heale fleskes biar. Princesse.

MINKE.

Mei twa tellen, hear! (*Hja giet nei de tapkas, komt mei 't biar werom, lukt de koark sen de fleskes ou en seit:*) Hjir is 't feinten, as 't jimme biljeaft. -- Scoene jimme hioed togearre yn 't efterkeamerke sitten blyue? De tiid giet syn gong, en der komt mar net ien mear sen de liu sen 't keamerke opdaechjen. Pyter Heppema en hiar sitte al yn 'e jachtweide, mar 't lyket wol, dat dij hioed net fierder komme doare.

KLAES.

Ei né, hja scille hjir strak yet eak wol efkes delfalle, thocht ik.

MINKE, (*yn 't ougean.*)

Oars kinne hja to minsten eak net sizze, dat hja yn 't Blauhûs wést hawwe.

FJIRDE TOANIEL.

De foarigen, sùnder MINKE.

KLAES.

Kom Lieue, jiet dij mar ringen yn. Forlieafde liu habbe ommers jamk toarst, sa 't sprekwird seit?

LIEUE.

Ja, mar hwa seit, dat ik der ûnder hear?

KLAES.

Ikke ommers — dou wolste mij, sa 't skynt, eak net fetsje. — Mar hark, der giet it ploechje yn 'e jachtweide opstean. Nou scille Pyter en hiar hjir da'lik eak wol komme. — Sprekste Pyter yet al faek? Jimme binne út it selde gea

LIEUE.

Né, inkeld snein neimidddeis yn 'e buorren. Wij keatse of biljerte den wol-d-e'ris, of kuyerje mei 'noar de buorren lâns, mar troch in dei sjugge wij elkoar net tolle. Hiar pleats stiet, lyk as't wítste, aan 'e oare sydefen it gea, en der hawwe wij hiel-end-al nin lân lizzen, sadat ik dij kant net jamk útkom. Eak wit ik nea net hwet ik oan Pyter hab en ef min him wol fortrowe kin: hij haldt jimmer in slach om 'e earmtakke, is der wakker slim op om jin út to hearen en meastentiids tige efterhalden mei 't jinge him sels oangiet (Sünicher) St! der komme hja al oan. (Pyter, Willem en Dowe komme yn.)

FYFTE TOANIEL.

De foarigen, mei PYTER, WILLEM en DOWE.

PYTER en hiar, (*tagelyk.*)

G'n dei Lieue, Klaes. (*Hja súskje.*)

LIEUE EN KLAES.

'n Dei, jimme.

LIEUE.

Hwerom blieuen jimme sa lang yn 'e jachtweide sitten en kaemen jimme net bij ús?

PYTER.

Wij hieden bij 't ynkomen wol sjoen, dat jimme sa drok yn pitear wieren en woe'n jimme ljeaver sa hommels net forsteure. Dêrom krûpten wij earst hwet bij Bynse Lykles en haer oan 't taefeltsje. Hwet drinke jimme, biar? To Minke, jow ús elts eak sa'n poârsje! (*Tsjin Willem en Dowe.*) Ef wolle jimme hwet oars drinke?

WILLEM.

Wol né, biar mar, n't Dowe?

DOWE.

Ja, mij eak goed.

KASTELEINSKE.

Der binne al trije heale fleskes. (*Hja makket se iepen en set se foár Pyter en haer del.*) As 't jimme biljeaft, feinten.

PYTER.

Moai, hear! (*Tsjin 't selskip.*) Minke is dochs jimmer allyke bij-de-hân, hin? En hwet laeket hja hioed wer blier! O, hja wit sa mei de minsken om to gean.

LIEUE.

Der kinst op oan. Mar Pyter, dou biste fen dyn tekst

oudwaeld. Niis seiste, dat jimme feu ús ousitten gien wieren om 't jimme seagen dat Klaes en ik sa drok aan 't pitearjen wieren; — thochtste den, dat wij elkoar geheimen hie'n to fortellen? Hwent as 't soks net wier, hoeften jimme to minsten net *soare* to bliuen.

PYTER.

Och, hwet scil ik der fen sizze? As men yn 'e lèste wiken Klaes en dij bij 'noar sitten of togearre kuyerjen sjocht, thinkt men al: „der is wer hwet to forhak-stükjen oer Minne Gerbens frouliu” Jimme komme der ommers beide sa trou? En as min dat yn 'e noas hat, scoe elts jimme den net jern yn sa'n gewichtig pitear yn jimme wesen litte?

LIEUE.

Mei it thinsen: „as *wy* it eak oer soks habbe, wolle wij allyke min ljeafst kindere wirde,” n't wier? — Dou thinkst hast al to eabel oer sok soart fen dingen, Pyter, mar hwet Klaes en mij oangiet, as wij bij 'noar binne is 't út alte frieunskip, moast bigrype, en net, om oer Minne Gerben's frouliu to praeten: de tiid dat wij dat hoeften to dwaen, is foár ús beide al lang foarbij. Dij frijerij is ommers al wiken út en kald!

KLAES.

Och man, hja is ús al wer forgotten en wij sjugge eltse dei fen 'e iere moarn ta de lettejoun om in mij avenir út *Der* hie'n wij it niis sa drok oer, moáste rek-

kenje Wij woe'n foár. Bolswerter merke elts minlike jern wer in faem oan 't snoer habbe.

PYTER, (*spytgniiskjende*)

To mar, meitsje ús dat nou e'ris wiis. Mienste den, jonkje, dat ik net wít dat jimme forlínne snein foár fjirtsien daegen yet nei Minne Gerbens wést habbe? As 't mij forrifelje wolste, moást moarn's ierder opstean, hear!

DOWE.

Ei ja, jimme binne ommers yet mei de sjeas binnentroch de klaedyk lânsriiden?

WILLEM.

En it hynser wykte noch ten syden foár in pear einen dij 't út 'e sleat fleagen, do 't jimme de bocht fen de Reade Leane omrieden? Nou, wíte wij 't eak?

KLAES.

Better as ik sels, nei 't líket, hwent fen al dij dingen is mij neat bikind. Ik ha snein foár fjirtsien daegen de hele dei gjin foet bij úzers fen 'e pôale hawn. Hwet Lieue dij deis dien hat, wít ik fen sels net, mar ik forwachtsje, hij hat allíke min in stap fen 't hiem oudien.

LIEUE.

Nin' stap, né. Ik bigryp súver net, fen hwa 't Pyter en hiar sokke praetsjes heard hawwe. Dij frijerij, der 't hja ús mei pleagje, is síker al wíken oan 'e kant.

PYTER.

O, o, hwet wolle jimme ús moai de eagen ticht

klieme, net? Der sitte hja nou beide mei in antlit sa from as apelsmots, om ús fen 't spoar to lieden. Me scoe w'reftich miene, dat hja *sels* eak leaue hwet ús hjir op 'e mowe spjelde wirt. Mar lokkich, dat wij it better wíte, baeskes. It kin wése, dat *Klaes* snein foár fjirtsien daegen net fen 'e pôale wést hat, mar den hat dij fen nik's ouwítende goede jonge in wíke letter (*) de reis dien; dat scoe de earste kear net wése, dat hij op in oare dei gyng as dou, Lieue, mar derom hoeft *dou* mij net wiis to meitsjen, dat-st-dou eak gjin stap fen 't hiem oudien haste

LIEUE.

Nou, en ik siz dij yet 'ris: 't is wier, ik hab er *gjin stap* oudien.

PYTER, (*hy laeket*)

Ha, ha, ha, nou fiel ik hwer-ste hinne wolste Síkest dij 'r mei in Menniste streek út to rédden, jonkje? — Né, dou seilst wol gelyk habbe; *dou* hast dij deis net in stap fen 't hiem oudien, mar jimme donkerbrúne sa folle to mear, n't wier? As men yn 'e

(*) Foár 14 jier wier 't oan 'e Bolswerter kant yet, as fen alds, brûkme om de reizen nei in faem om de trije wíke to dwaen. Inkelde hirdrinders begounen er do sa hwet mei om de trije wíke net ou to wachtsjen, mar mei 14 daegen al wer to kommen. Sa docht *Klaes* snein eak; dochs hij wier de lêste kear, troch omstânnichheden, in wíke letter gien as Lieue, en scil nou takomme snein al wer hinne, om mei Lieue reisge to kinnen.

sjeas krûpt en it hynser fierder lûke lit , is min eak
frij sels fen 't hiem en nei Minne Gerben's famke to
stappen.

En nou mienste miskien, dat ik eak net fetsje, hwet
jimme pitear fen niis to bitsjutten hie. As dat sa
wier, moâst ik jister op 'e wrâld komd wêse. Mar ik
bin bij tafal better útsliept. Né, jonges, ik begryp alles
wol : jimme habbe krekt sa mei-noar oerlein, dat jimme
takomme snieun- of snein-to-joune (*) wer d'ris *togearre*
it bikinde paedsje lâns stjûre scille , en best mûlik,
dat er yet mear efter stiket. en dat jimme mei-iens
eak wol oerlein habbe, om yn 'e nije wîke mei de frouliu
nei Liovter merke to riiden. Scoe 'k fier mis slain
hawwe, hwat thinkt jimme, Willem en Dowe ?

WILLEM en DOWE, (*tagelyk.*)

Hiel-end-al net. Krekt de spyker op 'e kop, hear !

LIEUE.

Ik moât sizze, dou forstietst de kinst om de dingen
op to thinken en oan elkoar to frisseljen. Al woe ik
yet sa jern, ik scoe 't dij net sa neidwaen kinne. Fen
alles hwet-st-der nou bijnoar thocht haste , is sjuch sa
folle (*hy makket in biwinging mei tomme en finger*)
net fen oan.

(*) Twisken Warkum, Harns, Frjentsjer en Bolswert gong
it jongfolk destiids lyke goed snieun- as sneintojouns nei de
frouliu, alteas oan de boppe-ein fen dij krîte.

KLAES.

Scœ Pyter *sels* eak mei sokke foárnimmens omrinne,
 -dat 'r alles sa moai foár elkoar wít to setten? Min
 thinkt sa licht alle herten bij jins eigen (*tsjin Pyter*)
 is 't net wier Pyter?

PYTER.

Ik ha 't fen 't bigjin ou oan al fornond, dat jimme
 myn wirden jimmer üntwykje wolle. Mar derom bigrype
 jimme mij wol, en jimme wíte sels alderbést, dat ik
 de planke net sa stomme fier mis bin.

WILLEM.

Ik mat eak sizze, Pyter hat jimme hioed e'ris kreas
 fêst set Mar (*op syn horloasje sjende*) kom oan, it
 is mear as myn tiid; ik moát der út. Hwa giet mei mij?

DOWE

Ikke!

LIEUE.

En wij eak, n't Klaes?

KLAES.

Ja, hwent ik moát myn boadskippen yet dwaen.

WILLEM.

Wij kinne yn 'e jachtweide wol bitelje. Minke stiet
 der dochs. Mar gietst dou net mei. Pyter?

PYTER.

Né, ik moát hjir yet wol efkes blyue, om op ús omke
 Johannes to wachtsjen + dij scœ hjir om middei hinne

komme om mei mij oer in weidkou to praeten. Mar gean jimme mar hinne : ik fyn jimme strak yet wol-d-ris yn 'e *Doele* ef op 'e appelmerk ef derearne , as jimme-twisken de beide piipen kuyerje. Sa lang den g'n dei, jimme !

ALLEGARRE.

Dei Pyter !

SEKSTE TOANIEL.

PTYTER, (*allinne.*)

Hwet hab ik Lieue en Klaes der efkes moai yn 't nau hawn ! Ja, min moát sokke baezen mar oer 'e staek sette en beare dat min alles wít ef bigrypt, den merkt min it gauste ho de foárke yn 'e stalle sit. Ik hie 't wol yn 'e gatten dat it sok spil wer mei hiar beiden wése scoe. Hwet die'n hja hjir oars sa togearre yn dat efterkeamerke to mûskopjen ? 't Wier ommers klear en bleat, dat hja 't oer hiar frijerij hieden en derom gong ik, do 'k yet yn 'e jachtweide siet, e'ris ûngemirken nei de tapkas , hjir da'lik ester it skut , — *sa beare* om mei de kasteleinske in wirdmennich to praeten, mar *yn wierheit* om in pear tellen skerp de earen op to setten, ef ik der eak hwet *fen* Lieue en hiar's pitear forsteaan koe. Nou, sa súnic hja net, ef ik kríge de tried *fen* it pitear al sa'n bitsje beet, en ik bigriep

er al ringen dit sen, dat de frijerij sen Klaes en Lieuer bij Minne Gerbens yet fleurich oan 'e gong is en dat er eak grútsjen sen is om mei dij frouliu nei Liowter merke to riiden.

't Is den diivels! Dij Anke mei Klaes om myn part halde, mar Wikje, dat begreatet mij raer. It is sa'n tsjep en aerlich frouminske, jimmer allyke blier en bij de hân! En dat dij Lieue der mar mei oanhaldt, wylst ik de fingers er net e'ris twisken krije ken Min scoe er pûr ûnder wirde! Ho faek hat mij dat nou al yn 'e wei wést, as ik hiar bij in pretjes ef inkeld oer iis jimmer bij 'n oar fyne moáste. En der skynt eak mar neat oan to foroarjen to wesen . . . (*Op syn horloasje sjende*). Omke scil eak hast komme, thins ik; ik mei earst yet wol-d-e'ris keapje. (*Hij draeit him om oan 'e lostersyde en steekt it lege fleske yn 'e hichte*.) Kasteleinske, jow mij yet sa'u poársje!

KASTELEINSKE, (*Hja set in oar heal-fleske biar op 'e taezel del en nimt Pyter it lege ou.*)

Hjir stiet it al, Heppema. Seyen jou oer in hoártsje net, dat jins omke Johannes hjir komme scoe? Hij moást er eak al wést ha, net?

PYTER.

O, Hij komt wis da'lik, hwent hij is jimmer op tiid.

(*Hja giet ou.*) (*Pyter giet yn him sels foart :)* Mar om (*Hij giet sen 'e stoel ou en foar op 't toaniel stean; nou en den in bítse hinn' en wer rinnende.*) yet e ris op dij frijerij fen Lieue del to kommen, — ho langer as dij duorret, ho mear as dij twa op elkoar forslingere reitsje. Yn Harnser merke, bij de hirddraverij, (*) der 't Wikje en Anke mei hiar heit hinne riiden wieren, hab ik yn 't lân yet in poaske bij hiar kapwein stien, mei hiar praeten en grapkes makke, yn 'e hoap sa'n bítse fen Wikje to fornimmien ho fest as it spil twisken hiar en Lieue stie, en of hja der eak earen foár habbe scoe om e'ris to foroarjen. Mar, pas op, hja is sa kein en wit sa goed op tiid to sizzen en to swijen. Ik kríge neat út hiar, hear, al leau ik foar fèst dat hia mij oars net licht oustegerje scoe. Nou, den hie hja seft eak sa'n flinken feint as nou, scoe 'k thinke. *Lieuwe*, in stille jonge, in soan fen in ienfaldige hierboer, dij 't, as 't op jin yn 'e wrald to fortouanen ef mei stokmantsjes to rinkeljen oankomt, yn 'e efterste ein stean moát; ef *mij* in soan fen in eigenerfde boer, hwaens heit Lid fen de Staeten is, en dij 't him vrij hwet better yn 'e wrald rèdde en mei fammen omgean kin as sa'n kalde, droege, ienfaldige Lieue Sybrens. As ik dij forgelykinge yet 'ris ophelje, is 't, thinkt mij, hiel-end-al in minskegriis,

(*) Dat jiers is to Harns yn 'e merke hirddraefd.

dat sa'n lieaf, krúdich famke gjin oare feint hat
(Nei in amerij.) Seil ik it dochs net e'ris op 'e man
 ou probjarje? Oan 't nou, ha 'k yet neat dien as op
 'e kant ompraete. As ik hiar e'ris plan-út frege om
 bij hiar to kommen en *mei mij* út to riiden to gean?
 As ik mei sok in foarstel fiowerkant foár hiar stie, scoe
 hja den wol wegerje doare? Hja mei mei Lieue op ha,
 mar mij derfoár in blauke to jaen en tagelyk hiar sels
 alle kans to binimmen om mij eat oan 't snoer to krijen,
 dat seil hja dochs net bisteau doare, scoe min sizze.
 As ik 't e'ris op weage! Best mü'lik, dat ik Lieue ûn-
 forwacht it soaltsje lichte, en dat *ik* den yn pleats fen
 hij mei Wikje nei Liowert ried. 't Scœ stomme moai
 wêse. Hwet scoe Lieue (en Klaes eak) raer bij de noas
 läns sjen. Den koe er mei riucht en sünder liigen
 sizze, dat syn frijerij oan 'e kant wier. Al wier 't mar
 om dat wit to birikken, den wier it fyt allinne al moayer-
 nöch. En as ik myn nocht wer fen Wikje ôf ha, lit
 ik hiar dochs wer rinne en kin Lieue er ommers op mij
 hinne tsjen. Ik moát er thús yet e'ris bidaerd oer nei-
 think. — Mar der rint Omke krekt de herberge foarbij.
 Hij skynt hjir yet net to kommen. Den moát ik him
 mar ringen efternei. (*Hij giet.*)

't Girdyn falt.

Oárde útkomste.

It milhûs sen Minne Gerbens. Oan 'e riuchterhân, de muorre tsjin 't binhûs oan, in alderwetske hege skoarstienmantel; oan diz' kant sen dij mantel hinget in rakje mei piipen en der nêst in Jouster-klok. Yn 'e hoeke foar oan 't toaniel stiet in hockspíne. Oan 'e oare syde sen de mantel yn 'e hoeke in doar dij 't nei 't binhûs laet. Op 'e estergroun in muorre mei in finster der yn. Oan 'e lostersyde stiet in âlde houten kas ef keest, swart of donkerbruín opglânse. Yn 'e fierste hoeke de doar nei 't soarhûs en it bûthûs. De muorren binne netbihongen. Bij de muorren lâns matten oer 'e flier. Bij de taeſel en tsjin de muorren oan, stuollen. Op de taeſel koffyguod.

FOARSTE TOANIEL.

't Is Sneintojoun. LIEUE en KLAES binne om acht ûre hinne komd en ha mei koffydronken. 't Koffydrincken is rou dien en de manliu binne nei efteren ta; it eigen foltsen om yet'ris yn 't waer to sjen en den op 'e fearen to krûpen, en de beide frîjers om straks werom to kommen en elts bij syu faem op to sitten.

WIKJE, allinne. (*Hja stiet bij de taefel it thégoud om to saegjen.*)

't Scil mij dochs e'ris binje ef Lieue der oânstouns eak fen praete seil om mei 'enoar nei Liowter merke ta to gean. Ik hoapje 't al. Forlîne jier ha 'k troch myn sjeachtme fen alles thús blíue moáttien, derom scoe 'k sen 't simmer to minsten jern hwet mei bilibje wolle. Jimmer yn 'e kinkhoarn to sitten is foár in jongfaem eak al net in bult oan. En it útgean mei Lieue en mij is oan 't nou yet eak net sa folle warden. Mei dij lette winter yn Febrewaerje habbe wij mar inkeldie daegen riide kinnen ; en dat wier yette tiige breklik , om 't ik sa'n hakkenkruk wier en it hiel-end-al net úthalde koe. Nou derfoár scoeden wij fen 't simmer de skea ynhelje, waerd er sein. En síker scoeden wij lêsten den eak in útsetsje ha, mar jawol, do 't er alhiel tsjinoan wier, koe *áis* selfskip net. Sa misléarre dat eak wer.

OARDE TOANIEL

ANKE, (*Hja komt uit it bin-hûs wei.*)

Hea Wikje, ik miende dat-st-dou de binhûsfinsters jouns ynskoáttele hieste. Mar do 'k er nei seach, kaem it mij foar fen net.

WIKJE.

Nou, ik doch it oars eak altiid; dat wítst wol; mar ik ha 't hioed forgetten, en mij thinkt, fen 'e joun mocht-st-dou it eak wol-de'ris dwaen. Hwa hat er straks it measte bilang bij. (*)

ANKE.

Ei famke, rin hinne! Mar honear, thinkste, scoe heit joun thúskomme?

WIKJE.

Ik miende fen net foar in ûre ef tsien, âlve. It is ommers om oer 't slatten fen de opfeart to praeten, dat hja mei hiar fiiven bij-enoar komme scoe'n? Nou, heit thochte, dat scoe wol net sa yn ienen ourinne, om 't der jimmer tsjiederij oer 't underhald fen de opfeart is. En hja scoe'n om healwei achten eak pas gear komme. Dou wierst fen 'e foármiddei krekt it milhûs út, do heit der tsjin Oeds oer prætte

ANKE.

Nou, heit scil, as-d-er werom komt, wol oan jimme finster klopje. Den kinst dou him mar efkes ynlitte; hij scil dochs net sa frjeamd opsjen, dat-st-dou yet opbiste. (*Nei in toárntsje*) Wol, wol, hwet hie Oeds it niis wer mei Klaes en Lieue to redden, net? Dij jonge mei hiar den sa dealse jern' ris pleagje. En jouns,

(*) Anke en Klaes, as de âldste, geane straks yn 't binhûs (it moaiste fortrek) sitten.

nou 't heit er net bij wier, naem er yet hwet mear vrij
as oars

WIKJE.

Ja, en hij haldt eak nea op, mar wít hiar jimmer wer
op hiar eigen wirden to fangen. It is foár Lieue en hiar
soms op it aerlige ou, om 't de boden der eak bij sitte,
en hja sen sels de mûle sa folle net vrij jaen kinne
as Oeds, dij 't thús is. (*Hja set it théguod yn-en-oar
op it blédsje.*)

ANKE.

Né, dat is sa, mar ik mei 't oars wol-d-e'ris heare, dat
de manliu mei elkoar oan 't dwers-eidsjen binne Eu
Klaes kin, as 't er op oan komt, Oeds soms eak kreas
op plak sette.

WIKJE.

Ei, mij thinkt, dat Lieue, as 't wêse moát, him eak wol
biskie wít to jaen. Mař Lieue haldt him trochstrings
earst hwet mear efterút.

ANKE.

Dat bidoelde ik eak net mei myn sizzen, as ef Klaes
allinne it wird hat. Mar hald dij mar stil, ik hear de
bûthûsdoar gean. Klaes en hiar scille der wol oan-
komme, thins ik (*Klaes en Lieue komme út de ef-
terein sen 't hûs wei it millûs yn. Hja habbe elts
in lange piip yn 'e hân, dij 't út is, de petten op,
in swart syden halsdoek om en in wít ocrhimsje joar.*)

TRÈDDE TOANIEL.

De foarigen, KLAES, LIEUE.

KLAES.

Der steane de fammen w'reftich al op ús to wachtsjen.
Ho is 't Wikje, hat it jou al forseeld? Ef scoeden jou
Lieue hast helle hawwe?

WIKJE.

Wol, miene jou den, dat ik sliucht wêse seoe? Né
feint, ef hieden jimme yet in ure yn 't bûthûs bliue
wollen, ik wier it milhûs net útkomd, en Anke allyke
min, forwachtsje ik. As 't ús to lang duorre hie, hieden
wij de milhûsdoar op 'e skoáttel stritsen, wieren efter de
bedsdoárren krûpt en hieden jimme stil wer nei hûs
kroáskje litten. Bigryp je?

KLAES.

Och, hertsje, dat hieden jimme fen fierren net dien!
Jimme wolle ommers fier's to graech elts yet in skoftke
bij in soun minske weitsje.

ANKE.

Mien dat nou mar net, heite! Wij dogge it letterlik
om jimme e'ris to wille to wêsen en in pleisierke oan to
dwaen, dat wij ús skoandere nachtrëst sa opofferje. Jimme
komme hjir ommers hieltiid mar wer, en den slacht biar
en bermherticheit ús eak wer om 't hert, moáste rekkenje.

LIEUE.

't Skynt oars ten Anke syde net sa'n botte opofferinge to wesen, hwent as 't dat wier, scoe hja Klaes net om de *fjirtsien daegen* op 'e nij ûntbean ha, scoe me sizze.

ANKE.

Op 'e nij ûntbean ! Nou moát min dat w'reftich yette eak heare. Ik hab er al nôch tsjin ynlein, dat hij *hioed* hjir al wer komme scoe to fîterjen, mar hij woe sa jern, en al ho 't ik eak tsjinkearde, hij halde mar oan as stourein. (*)

KLAES.

Né liea, mar dou thochste sels, dat it sa moai útkaem, as ik *hioed* wer mei Lieue gyng.

WIKJE.

Krekt as ef 't ik *Anke* forteld hie, dat Lieue wer komme scoe ! Dat think' jou nou eak allegearre wer op, Klaes. Ik scoe eak oan Anke en hja oan mij sizze, dat en honear ús feinten torêchkomme scille. Wij scille beide wol wiizer wese. En as ien fen jimmen den letter e'ris yn 'e holle kríge om *net* wer to kommen, — me kin sa'n bitsje op it wird fen feinten ôf — den siet dij-

(*) Anke en Klaes binne hwet alder en hiar frijerij is hwette fêster, derom sprekke hja eak yn 't bijwesen fen oaren, elkoar oan mei »dou«, en doar Anke hjir sizze hwet hiar yn 'e mûle lein wirt. Wikje scoe wearskynlik net sa op 'e man ougien ha, mar mear yn 't algemien fen de feinten sein ha, dat hja oanhalle om wer to kommen.

jinge fen ús hwa 't it oangyng, mar moai mei in biskamme troánje, hin? Né, as der ûnder jimme beiden oer Lieue syn weromkommen praet is, ha jou dat sein Klaes, en moát Lieue der tsjin jou fen útlitten hawwe.

LIEUE.

Wikje. Wikje, ho doar jou (*) dat nou to sizzen? Klaes en ik praete hiel-end-al nea oer jimme as wij bij melkoárren binne. Wij hânnelje oer hiel oare dingen as oer frouliu, as wij yn pitear sitte. Sok praet, der binne wij boppe oer hinne, moátt' jimme rekkenje.

ANKE.

En as jimme ús den sa'n bitsje telle, hwerom stean' jimme den yn 'e moarntiid, eltse kear as jimme foartgeane, der sa op aan om werom to kommen?

LIEUE.

Hea Anke, is 't wier, docht Klaes dat? As jou sizze fen »jimme» moát min dat er wol foar halde, hwent jou kinne fen sels oer *syn* dwaen en littin allinne oardielje. (*Oeds docht de milhûsdoar iepen, stekt de holle er troch en blicut sa in cachopslach stean.*)

ANKE

Moát dat nou tsjinje om mij yn 't nau to krijen? Jou wíte sels alderbést ho ûntsettende jern jou om 'e

(*) Lieue en Wikje wolle foár de minsken — net iens foar hiar neiste miigen en frieunen — eak it minste net trochskímerje litte, dat hja eat oan elkoar hingje. Hja sizze derom »jou» tsjin elkoar as er immen bij is.

trijske wiske de Reade Leane e'ris opriide wolle en hwet lèst as Wikje bij 't ôfskie jimmer hat om fen jou ôf to kommen. Ho let binne jou de lèste kear, do 't jou hjir allinne wést hawwe, wol foartgien? Ik scoe mar swije. as 'k jou wier.

WIKJE.

Hearink Anke! En dat eak yet wol wylst Oeds der yn 'e doar stiet. (*Oeds komt it milhûs yn.*)

(*Hij is yn 't underbaitsje en sliuchtwei forklaeid.*)

FJIRDE TOANIEL

De foarigen. OEDS, (*Hij blyeut stean.*)

OEDS.

Ja, as jimme sa drok yn 't pitear binne, lyket it wol dat jimme eak nearne oars earen foár habbe. Ik woe myn horloasje yet efkes helje; dat leit hjir op 'e kas; oars wit ik fen nacht, as de feint fen 't bêd ougiet om it hynser yn to slaen, eak net honear Klaes en hiar foart geane. Nou gyng ik út it bûthûs wei yn 't foárhûs op, en do ik jimme der yet ridlik lûd mei-en-oar praeten hearde, begriep ik da'lik, dat Anke en Klaes yet net nei de foárein forfearn wieren en dat ik derom unforhindere foartrinne koe. Mar gjin ien fen jommen hearde mij de milhûsdoar iepen dwaen, sa 't skynde, en derom wachte

ik in hoártsje om Anke útpraete to litten. Der, nou wíte jimme ho 't ik hjir sa ynfal, en hwet ik hjir wol. Is dat nou sa slim ?

LIEUE, (gikoanstekjende.)

Hwet is 't dochs in hearlik ding sa'n horloasje lizze to litten op in plak der 't me jern yet'e'ris efkes kypje wol. 't Is disse kear allinne mar in bítsje ûnlokkich biteard, dat wij hjir yet mei ús floweren wieren, oars hie 't eak sa'n moaye gelegenheit wést om mei iens hiel tafallich Wikje en mij e'ris oer 't mat to kommen. Ef moát ik der út opmeitsje, dat it wer is om ús mei ús beiden in bitsje to narjen en in bítsje sen elkoar ôf to halden ?

OEDS.

Jou meye der út opmeitsje hwet je wolle. Ik haw in breede rêch, der stuitet in hoopen op ôf, moát'je telle. (*Hij krijt ânderwyles it horloasje sen 'e kas ou en haldt it yn 'e hân. Hij rint foar Lieue lâns, dij syn piip dertroch yn gefaer is.*)

LIEUE.

Nou, nou, der scoe mei jou geskrip myn piip it hoekje hast al omgien hawwe.

OEDS.

En hwet scoe dat? Dij piip der habbe jou ommers jouns dochs mei dien, net? Ef is it feintsje fen plan om hiar op in oare joun yet ris to brûken? Me scoe

net sizze, hwet in ynbielding. Wij wolle him h̄jir lang
net wer op it hiem hawwe, hwet seist dou Wik, hin?
Hij moät al fen genede sprekke, dat syn hynser h̄jir fen
'e joun wer op 'e stal komd is. (*)

KLAES.

To Wikje, bergje dij piip mar ringen op, ef hingje
hiar der oan 't rakje. Jou heare ommers wol, ho'n noed
as Lieue der fen stiet. Dat bitsjut genôch, scoe 'k sizze.

OEDS.

Ja, dwaen it foaral yn-iennen, liea, oars mocht it wer
gean, lyk as foár trije wike. Do hie hja disse selde piip
de Sneinsfoármiddeis, dat Lieue de jouns fen to foaren
h̄jir wést hie, ef kes op 'e taefel lizze litten om hiar —
Hantsje-om mei wíte hwerhinne — út 'e wei to bringen,
do 't ik krekt it milhûs yn rinnen kaem, dij piip lizzen
seach en net wítende dat it Lieue synen wier, der op
ta roun om er in ein ôf to brekken en er dij Sneins
sels út to smoken. Mar jawol, Wikje seach net dat ik
op 'e taefel taskeat, of hja pakte de piip foár myn noas
wei. O! sei ik, nou wít ik eak dat Lieue wer komme

(*) Dit slacht op de fraech dij 't in feint docht (binammen dij 't foar de earste kear nei in faem tariidt) as der op sa'n tiid jouns earne op 't biem komt. Den bynt er it losse hynser ef hynser-en-sjeas mei in helter oan in ring yn 'e ettermuorre fen de skuorre fêst, rint nei foaren, rinkelt oan 'e klink fen de doar en freget, as him iepen dien wirt, net ef hij sels yn 'e hûs komme mei, mar ef syn hynser der eak stalje kin.

scil, en och, och, hwet krige hja do in kaem, om 't
hja hiar sa lik forpraet hie.

WIKJE.

Dou naere jonge moást ús eak jimmer pleachje en alles
oan 'e greate klok hingje ! Hwet hat in oar der nou
mei nedich hwet ûnder ús beiden bard is ? Wier 't
net moayernôch dat ik mij sa dom skyne litten hie, dat
'k dij piip bihalde woe ? En wier dyn wille yet net
greaternôch, dat it dij einling ûnforwachte e'ris lokt
wier dertroch sydlings hwette oangeande Lieue syn kommen
wiis to wirden ?

OEDS.

W'reftich net, dat stikje wier fier's to moai om to
swijen. Fen 'e jouns bij de koffytaefel koe 'k it sa goed
net op 'e proppen bringe, mar nou 't wij hjir dochs mei
ús siiven binne, is 't krekt de ûre om it er út to flappen.
Dou hoefst jer sa'n kleur net wer om to krijgen, famke !

ANKE.

Hea, it is frjeamd Oeds, dat-ste fen 'e joun mûle en
eagen sa goed iepen halde kinste. Oars bist om diz'tiid
jimmer sa slioperich en kinst de klok fen acht ûre
skraechwirk ôfwatchtsje, om nei 't bûthûs to gean. Mij
thinkt, it is súver in griis foar dij dat-ste hjir yet stietste.
Dou koest dyn earste sliepke al úthawn hawwe !

OEDS.

Wolste mij sa jern foart hawwe sister ? Den scoe 'k

er siker nocht oan ha om yet in heal ûrke to bliuen.
 Mar (*hij snucht op syn horloasje, dat er yn 'e hân halden hat*) om 't mij foarkomt, dat myn wít nou goedernôch birikt is, scil ik mar opkroadsje. Ik woe jimme mar efkes in toántsje yn it oanfetsjen fen jimme swiet wirk ophalde. oars hie 'k hjir nin boádskip 't Horloasje hie 'k fen 'e joun mei sin op 'e kas lizze litten.
 'n Joun, jimme, folle pleisier, en it net to bot oanlizze, hear! (*Hij giet wer nei efteren.*)

LIEUE.

Ha 'k it net sein? Ik bigriep wol, dat it boádskip om it horloasje mar in ophinksel wier.

ANKE

Ja, it is altiid sa'n biis, dij jonge. Narje en húnje is syn greatste nocht.

KLAES, (*tsjin Anke, wylst er op de binhûsgongsdoar wiist.*)

Mar wolle wij it nou eak'ris fjirder op bisiikje, Anke?
 Wikje en Lieue sitte sa mei smerte to wachtsjen, dat wij hiar einling togearre litte scille.

ANKE.

Ja, dat thinkt mij eak, it wirt mear as tiid foár hiar.
 (*Hja geane nei 't binhûs ta*)

WIKJE.

Foár jimme net, hin?

FYFTE TOANIEL.

LIEUE. WIKJE.

(Hij slacht hiar, súnder dat hja 't merkt, de hán om de hals en úntstelt hiar in patsje.)

WIKJE. (*hja wearet him séjt ou.*)

Hou, hou, jonkje, dou bist er joun sa ringen mei klear.
Kinst sa lang net mear wachtsje, dat wij bij-en-oar sitte?
Lieuq giet op in stoel bij de taefel sitten, oan 'e los-terkant fen 't toaniel, en hja oan syn syde.)

LIEUE.

Ei nou hju, 'scoe min der eak nin sin oan krije, as
min earst sa lang wachtsje moádden hat foár 't môt om
'e teannen wei is?

WIKJE.

Ja, sa binne jimme nou altiid! Nea kinn' jimme
jimme sels bidibberje as jimme sin oan 't ien ef oar
hawwe, nea jimme tiid net e'ris bihoarlik ófwachtsje. 't
Is mar goed dat wij ús better bihearskje kinne, oars
scoe 't er w'reftich moai útsjen.

LIEUE.

To mar, wolste wer oan 'e gong? Ik scil der joun
mar op swije; to minsten op dit amerij; strak kinn'
wij yet altiid e'ris sjen. — Mar wol ik dij 's hwet for-
telle? Buwinga's Doede hat forlíné snieun-to-joun nei
Riemke Inia ta wést.

WIKJE.

Nei *Saepke Inia*, mienste. Nou, dat is just net sa folle nijs. Forline simmer hat er der ommers eak al in hoártsje bijkomd ?

LIEUE.

Né, né, nei Riemke, siz ik dij.

WIKJE.

Ei, dat moátte liigens wêse.

LIEUE.

Né, yet 'ris, hij hat nei *Riemke* ta wést en *dat* makket krekt, dat hwet ik dij forhelje wol sok frjeamd nijs is. Lyk as-t-dou seiste, hat Doede forlínne simmer in tiidlang bij *Saepke* komd, ja der yet eak wol ienkear in dei ef hwet mei út to riiden wést. Mar hwet wier nou it ûngelok? Ho taeker as hij bij *Inia's* kaem, ho minder as hij syn faem skynde lje to meyen, en ho mear sin as hij oan hiar sister *Riemke* líke to krijen. Tsjin de hjeart rekke de frijerij mei him en *Saep* út.

WIKJE.

Ja, om Joustermerk hinne, dat wit ik yet wol.

LIEUE.

Krekt, om dij roai sahwet. Sount skynt *Riemke* him yet jimmer yn 'e holle om spile to habben, krekt sa lang dat er der einling ta oergien is om wer nei *Jan Inia's* to riiden en dizz' kear *Riemke* to freegjen.

WIKJE.

En hied-er Riemke der foárôf neat fen wíte litten ?

LIEUE.

Hiel-end-al neat. Do 't Doede snieuntojoun der den eak it milhûs ynstadte, gyng Saep da'lik opstean, helle in piip út de foárkeamer en rikte dij, lyk as foárhinne, Doede ta Hie hja do wíten hwet er ten sins wier ! Den scoe hja dat boádskip eak dien ha foár Riemke, dijj'-ter sels libben bij siet ! Mar fen sels, hwa koe eak oars thinse, as dat er op 'e nij om syn alde faem kaem ? Lykwol, dat wieren de boer syn giizen net. Do 't it koffydrinken dien wier, kaem de moart út. Hij frege Riemke, yn pleats fen Saepke. Ik moát sizze, 't wier foár Saep úntsettende sneu, en ik bigryp súver net ho Doede it weagje doárste, en hwerom as-d-er dat spil net hwet oars ûnderlein hat.

WIKJE.

En hat Riemke him halden ?

LIEUE.

Ja, en dat is mij genôch tafallen.

WIKJE.

Nou, hij moást *mij* net foar hawn hawwe. Ik hie him ûngetreast wer nei hûs ta panderje litten. In feint, dy 't net mear earefieling hat, fortsjinnet net better. En boppe dat, scoe 'k soárch hawwe, dat dit hiele spil op gikoanstekjen útrinne scil ; best mû'lik

dat er wol in weddenskip twiske sit, en it weachstik fen
Doede *deroan* syn fūntstein to tankjen hat. Riemke
scil hiar yet wol-d-e'ris bikleye, as hja him net gau wer
de bouns jowt.

LIEUE.

Kom, dat scil wol better biteare. Doede, al hat er
him hjiryn tiige frjeamd halden, is hiel nin gikoanstekker,
mar in earlike opriuchte feint.

WIKJE, (*nei in amerijke*).

. Den scille hja miskien yet wol togearre
nei Liowtermierke riide. Ha jou eak heard dat der
mear út ús kryte wei hinne scille ?

LIEUE.

Oars net as fen Hiltsje' Riemer en Oene Asinga, mei
hiar frouliu.

WIKJE.

Ik miende fen Tjitske Warnia en Jan Dowes Klaske-
eu-hiar eak. To minsten, ús Oeds hat der grûtsjen fen
heard. Klaske hiar feint, Diurre Sînes, hat der tsjin
him oer praet. As 't waer goed is, is 't eak in aerdich
reedsje, en in moai pleisierke blieut it altiid.

LIEUE.

Der 't Wikje eak hwet in sin oan habbe scoe,
net ?

WIKJE.

Omdat ik dat sa sei ? Och, foár mij sels ha 'k der

hiel-end-al yet net om thocht. Útgean der praktisearje ik or'naris net folle oer, moát'je rekkenje.

LIEUE.

Altiid dij kearen útnomd, dat sok ding fen sels bij dij opwált, n't wier? (*Hy settet haar by de hán, strykt haar om 't kin en kypet haar yn 'e eagen*) O, famke, nou wolst mij hwet op 'e mowe spjeldsje. Ik lês it ommers dúdlik út dyn eagen, dat-st er eak sa bjustere jern hinne wotte!

WIKJE.

Gjin hier op myn holle, dij 't er yette om thocht hat.

LIEUE.

Né, liea, mar dyn sinnen safolle to mear. It spyt mij allinne mar, dat ik net kin, oars hie 'k it dij foár in healüre al oanbean.

WIKJE, (*rimpen, wylst hja syn hán loslit.*)

Kinst dou net? Hwerom net?

LIEUE, (*Hij lukt it antlit yn fierien.*)

Om de drokte hie heit Ijeaver, dat ik thús blieu. It spyt mij úntsettend, foaral om dij.

WIKJE.

Ik skyn eak nea net 'ris hwet wille hawwe to meyen. Forline simmer ha 'k alles foarbij gean litte moáttten om 't ik jimmer poáterich wier, en hwet is der fen 't

pleisierjen komd sount jou (*) bij mij rinne? Fen 't winter ha' wij mar hiel inkeld earne hinne kind, en nei de foárjiersmoánne is der hiel-end-al niks bard.

LIEUE.

Wikje, famke, rinst nou net hwette to hird? 't Is wier, wij hieden mear útgean kinnen, mar hwerom hat it net faeker pleats hawn? Yn 'e foárwinter wachtten wij ommers jimmer op riiders-iis, dat mar net komme woe; — do scoe'n wij mei-en-oar e'ris op in jou nei stêd, as it selskip „Thalia“ der spile, dat lykwol *nou* krekt der net wést hat; — en dat it flean'de neiwinterke in fearsjier foár Maeye, ús net mear wille jowch, hwa koe dat helpe?

WIKJE, (*op in oare toan.*)

Dou net en ik net, jonge, mar *myn ynhalden*. Ik wit wol, dou woest mij dij daegen jern sa folle wille oandwaen ast' mar koeste, en hast mij eltse dei hast oan-bean hjur ef der mei mij hinne to riiden, mar dou witst eak wol, do 't wij in kear twa foárt wést hiene, ho min as mij it riiden ôfgyng.

LIEUE, (*Hij settet hijar wer bij de hân, slacht syn earm om hijar hals en sjucht hijar min ef mear earnstich oan.*)

En habbe wij krekt dij inkelde kearen oer iis, net riu

(*) Nou en den lit Wikje de fortrowelike toan farre en seit hja tsjin Lieue fen »jou«.

wille hawn ? O, ik forjijt him nea, dij Snieun, do 't wij bij de hirdriiderij to Frjentsjer togeare op 'e bijbaen twiske al dat folk ynrieden. Hwet wier 'k er grutsk op, dat ik der mei dij sa moai hinne sliuerke, en hwet die it mij goe, dat-st-dou dij bij dat útflechtsje eak sa formakkeste. En de jouns op 'e weromreis, ja, it einde net hird, en wij foelen yet al-d'-ris, mar do 't wij yn dij kalde winter-nacht, om 't yn de feart hjirhinne to folle wjekken wieren, it lêste ein nei hûs ta rounen, wier 't do binnen yn ús eak kald ef wier 't sa, dat wij ús, just om en troch dij lytse tsjintrybelingen fen de reis, yn dat amerij lokkiger fielden as ien ûre to foaren yette, lokkiger eak as wij do sels hast wisten ? Siz, Wikje !

WIKJE, (*Hja slacht de eagen foárdel.*)

Dou hast gelyk, Lieue. Dij dei en dij joun en ho-ste dij do tsjinoer mij halden haste ; -- hwet-ste dyn bêst dieste om mij to wille to wêsen en yn 't nei hûs riiden oppaste, dat ik mij net oerried ef op it iis foel, (ik hie sa'n bitsje asem!) ; --- en ho'st mij it lêste ein, do 't wij togeare it paed nei hûs oprounen, ticht aan dij lûkste en mij op sa'n seafte toan fregeste ef it sa goed wier en ik mij net to wirch fielden om dat ein noch to rinnen (*Hja luorket him sahwet oan*), wylst-stou, al ho'n sjou dat-ste eak mei mij hawn hieste, hiel net om dij sels thochste en nearne fen kikste sjuch . . . né — dat ha 'k net forgotten ; — mar it hie sa

aerdich wést om mei'n-oar nei Liowter-merke ta ; dou hiest it ommers lèsten eak sahwet heal trochskímerje litten, en nou . . . yn-iennen sa riucht oars om ! (*Hja glimket him aan*) Dat makke, dat ik niis hwet lûd bigoun to grynen. — Is der súwer neat oan to foroarenjen, Lieue ?

LIEUE.

Ja -- alles, famke. Ik woe dij mar efkes pleagje, hear ! Wij gean' takomme freed nei Liowter-merke ta en riide dernei de Walden 'ris troch, as-t-er neat op tsjin haste; Klaes en Anke mei fen sels. Hwet ik fen de drokte sei, wier mar in grapke. Wij hawwe de ûngetiid al in dei ef hwet dien ; dij wier sa great net. Wol, hwet seiste nou ?

WIKJE.

Hearink Lieue ! ho kaemst er den bij, om mij earst sa to fiter to habben ? (*Me heart súnich tikjen op it finster yn 'e eftermuorre.*) O hea . . . der wirt op it finster kloppe. Dat is heit, thins ik. (*Mei it antlit nei it finster*) Binn' jou dat, heit ? Ik kom, hear ! (*Tsjin Lieue.*) Ik scil heit gau ta de foarhûsdoar ynlitte. Gean dou nou troch dij doar (*Hja wiist op 'e doar nei it binhûs*) en sa troch de útdoar yn 'e binhûsgong nei bûten yn it hoaf; den hoeft heit dij hjir net to sjen, en kom ik da'lik bij dij, om mei dij it hoaf e'ris troch ef it hûs om to kuyerjen, yn 'e tiid dat heit út 'e wei krûpt. (*Underwylens binne beide opstean gien.*)

LIEUE.

Mar dou hast mij yet nin antwird op myn fraech jown.
 Hwet seiste fen myn plan? (*Der wirt yet e'ris lüder kloppe.*)

WIKJE.

(*Nei it finster.*) Ja, ik kom al, heit. (*Tsjin Lieue, wylst hja rimpen beide hannen om syn hals slacht, him blierlaitsjende yn 'e eagen sjucht en him in tútsje jowt.*) Hwet ik siz? Dat hoefst net mear to freegjen, scoe 'k miene. Ik nim it oan, hear! en wol jern mei dij út to riiden. (*Hja rint hird soart troch de doar nei it soarhús, wylst Lieue troch de doar der tsjin oer de wyk spilet.* *)

't Girdyn falt.

(*) 't Sprekt fen sels, dat Anke en Wikje 't earyzer op habbe. Yn 1870 droech neibij nin ien boeredochter yet it los-hier.

Trèdde útkomste.

De pûskoken bij Sybren Jennema. Oan 'e riuchter-hân kas- en bêdsdoarren. Op 'e eftergroun in muorre, der 't in kamminet tsjin oanstiet. Yn dij muorre in doar, dij 't nei 't foárhûs liet. Oan 'c lofterkant de skoárstienmantel. Foar op 't toaniel in pear streeken matten oer 'e flier. Midden yn 'e keamer, moai fier nei soaren, de taefel, der 't in bledsje mei théguod op stiet. Tsjin 't bedskut en de muorren oan, stuollen.

It is de moársns twiske thé- en koffydrinken, om in ûre ef nioggen, tsien. Lieue sit bij de taefel de Liowter-krante to lësen.

FOARSTE TOANIEL.

LIEUE, *allinne.*

Jimmer yet oer dij merke to Liowert! It is mar goed, dat dij oaremoarn birédden is, den ha 'k er nu oanstriid mear fen. Hwet kinsten eak fen Anke en

hiar, om forlîne wike, sa'n pear daegen foár 't wij útscoeden, 't hiele reiske yn-ienen út to stellen, allinne om 't troch de oarloch twisken de Frânsken en Dútskers in stikmen-nich músikanten en toanielspilers nei hiar wenpleats werom tein binne, en der nou sa'n bítsje yn de merke to dwaen hiet to wêsen. Earst hieden hja er sa'n sin oan, en nou skyne hja, krekt as de measte minsken tsjinwirdich, troch dij oarlochspraetsjes eak al fen 't stik brocht to wêsen. Oars koeden hja ûnmu'lik sa yn-ienen omkeard wêse.

De feint ropt út it foárhûs wei:

Binn' jou yn 'e pûskoken, boer?

LIEUE.

Né, Rients. Heit is 't lân út. Kom hjir mar. Hwet is der oan?

OARDE TOANIEL.

LIEUE. RIENTS.

RIENTS.

Ik woe efkes freegje, hwet ik nou moást. Ik ha de hokkelingen nei de efterste fjirdeheale brocht.

LIEUE.

Rêd de skuorre mar hwet op; dij leit er sa raer hinne. Ik kom da'lik bij dij, den scil 'k dij helpe.

RIENTS.

Goed. Mar earst moát ik jou yette hwet nijs forhelje,
der 't jou frjeamd fen opheare scille.

LIEUE.

En hwet is dat ?

RIENTS.

Jow Rinderts jonge mette mij krekt sa op 'e dyk,
en dij fortelde mij, dat Riuerde Pyter forgongen snieun-
tojoun nei jou faem ta wést hat en der fen 'e moarn
mei nei Liowter-merke riiden is.

LIEUE, (*Hij is tige oandien, mar
forhaldt him sa folle as
er kin.*)

Mei Wikje fen Minne Gerbens ?

RIENTS.

Ja, Willem Ipkema en syn faen binne mei hiar yn 't
selskip. Hja scoeden leau ik, oer Frjentsjer, en sa de
Bildoárpen troch riide. Fen 'e moarn om healwei achten
binne se al op reis tein. Ik ha der sa bryk fen op heard,
dat ik de jonge wol trijeris frege haw, eft' er mij net
hwet koal forkeape, mar hij halde fol, dat it wierheit
wier, en nou ik mij bithink, komt it mij yn 't sin, dat
ik Riuerde tilbury fen 'e moarn eak om dij skoat de
púndyk lâns riiden sjoen haw. Ik scoe sizze, dat Wikje
hiar sinnen hird hinne en wer binne. In wíke fen to
foaren, habbe jou yet bij hiar opsitten.

LIEUE.

En do is 't eak krekt mei ús útrekke. 't Hie sa lang al duorre, dat ús thochte beide, der moást nou mar e'ris in ein oan komme. Oars scoed it njunkelytsen al to fést wirk wirde. Wikje mocht derom dwaen hwet hja woe.

RIENTS.

Dat wol jou mij nou mar wiismeitsje, net? Ho koe Pyter dat den sa yn-ienen wíte, dat it twiske Wikje en jou forlíne wíke oan 'e kant rekke wier? Kom, der scil wol hwet oars efter stíkje. Ik sjuch it wol oan jou. Wij praete strak yet wol-d-e'ris. (*Hij giet ou.*)

TRÊDDE TOANIEL.

LIEUE, *allinne.* (*Hij rint de keamer op en del.*)

Wikje Pyter halden, en hioed mei him út to riiden! Ho is 't mû'lik, ho is 't mû'lik! Scoe 't wol wier wêse? Né, it kin net wier wêse. Ik kin 't net leauwe en ik wol 't net leauwe. Sa gemien kin hja hiar net draege. O, dat scoe to slim wêse. 't Is krekt eft in bliksemstriel mij troffen hat, sa slacht de holle mij. En den moást min jin tsjin sa'n feint mei syn ûnforskillige praetsjes yet eak halde, as eft me der neat ûnder to dwaen hat. -- Ik haw myn sinnen amper yet bij-'n-oar.

FJIRDE TOANIEL.

LIEUE. MÁERY, (*dij 't de keamer yn
rinnen komt mei in
kanne fol koffy en
siür der ûnder.*)

MÁERY.

Wier Rients krekt-sa bij dij, Lieue ?

LIEUE.

Ja, mem.

MÁERY.

Hwet woe dij hjir ef hied er dij hwet to fortellen ?

LIEUE.

Né, neat.

MÁERY.

Mar, hij hie dochs in boádkip, net ? Oars scoed er
ommers yn 't skoft de foárein net yn rinnen komd ha ?

LIEUE.

In boádkip ?

MÁERY.

Hearink, jonge, hwer biste wol mei dyn sinnen, dat-st
mij net forstietste ? Ik sei, Rients hie hjir ommers fêst
it ien efte oar to freegjen ef sa ?

LIEUE.

O ja, hij freege hwet er dwaen moást. Hij hie de
hok'lingen forweide.

MÁERY, (*Hja sjucht him oan.*)

Mar ho bist dochs sa frjeamd, jonge? Ik bin 't oars
hiel-end-al net fen dij wend, dat-ste sa stroef en koárt
tsjin mij biste. En hwet is dyn antlit bilitsen. Skeelt
er hwet oan?

LIEUE

Né, neat, mem.

MÁERY.

Ei ja, Lieue; nou flauste mij to foaren. Der mankearret al hwet oan mei dij. Bist net to goed, ef hast
er yet oanstriid fen dat-ste net mei Wikje nei Liowert
ta biste?

LIEUE.

Ik bigryp net hwet mem mei mij wol. Ik bin krekt
sa soun as oars, en Wikje kin mij neat mear skele; der
hoef ik net oer to mymerjen.

MÁERY.

Dat is den eak hird foroare, scoe 'k miene. Mar der
scille wij mar oer swije, om't-ste mij der dochs neat fen
útlitte wolste; dat wít ik wol. Ik wier hwet binaud, dat
dij 't ien ef 't oar dwers yn 'e holle siet. Dou wierst sa
wunderlik tsjin mij. As dat net sa is, siz mij den
ljeaver ef-ste eak wítste hwer 't jimme heit is. Ik ha de
koffy klear; as er thús wier, koeden wij wol koffydrinke.

LIEUE.

Ik haw heit yn in hoárt net snoen. Wol ik e'ris nei

etterhûs gean, om to sjen ef ik heit der eak fyne kin ?
(Hij giet rimpen ou.)

FYFTE TOANIEL.

MÁERY, *allinne.*

Ik bigryp er neat fen hwet foar mûzenêsten dij jonge
 wol yn 'e holle sitte meye. Al woed er it foár mij
 biditsen halde, ik mirk dochs oan alles moale goed, dat
 hij hjir ef der oer roun to praktisearjen. Scoe 't wer
 oer de frijerij wese ? Ik leau, dat er der in danigen sin
 oan hawn hie, om mei Wikje út to riiden. Nou, dat
 dat net trochgien is, is eak yn-ienen sa bare slim net.
 Hja kinne ommers fen 't simmer yet nei sa'n bulle
 pretjes en setsjes ta, as hja wolle.

SEKSTE TOANIEL.

MÁERY. SYBREN, (*Hij komt út it foárhûs
 wei ; syn deise klean oan,
 yn 't underbaitsje.*)

Ho is 't Máery, habbe jou de koffy klear ?

MÁERY.

Ja, al oer in toárntsje. Mar is Lieue jou eak tsjin
 komd ? Hij wier hjir niis yn 'e keamer, en scoe nei
 esteren ta om jou to siikjen.

SYBREN.

Né, mar ik ha eak net efterhûs wést. Ik bin oer 'e trèddeheale hinne troch it hoaf werom gien, en sa de foárdoar ynkomd. As er mij net synt efterhûs, scil er eak wol ringen wer foare komme, thins ik. Ik scoe ús mar e'ris in pântsjefol koffy ynskinke, net ? Fen al dat bokseljen troch it lân ha 'k al toarst kríge.

MÁERY, (*wylst hja ynjet.*)

Ja, dat 's goed Oars kin de faem Lieue eak wol efkes warskowe. Mar, fortel mij e'ris, ha jou fen 'e moarn eak hwet oan Lieue mirken ?

SYBREN.

Né, ho dat sa ?

MÁERY.

Och, hij wier niis, do 't ik de keamer ynkaem mei de koffy, sa ouwêsich, en sloech hiel-end-äl gjin acht op hwet ik him frege.

SYBREN.

Kom, kom, dat scil wol neat to bitsjutten hawwe. Fen 'e moarn ûnder 't thédrinken wier er to minsten yet sa opgerúmd as altiid.

MÁERY.

Dat is sa, en derom koe 'k it mij eak net bigrype. Ik frege him al-e-'ris, eft er it ien ef 't oar oan mankearre, mar hij andere oars net as: „neat, mem.” Dat wier lykwol koalforkeaperij, koe 'k wol sjen. Ik haw

al thocht (*Klaes Waltinga komt de keamer ynstappen.*)

SAUNDE TOANIEL.

De toarigen. KLAES.

SYBREN en MÁERY, (*tagelyk.*)

Hea Klaes, jou hjir ?

KLAES.

Ja, myn paed roun hioed hjir lâns, en om 't ik bij
de doar nimmen seach, bin 'k mar yn 't foárhûs op gien.
Goe'n dei, Jennema, vrou Jennema Ho giet it yette ?
(*Hij fûsket mei hijar.*)

SYBREN en MÁERY.

'n Dei Klaes ! Fiks, ho is 't mei jou ?

KLAES.

Tige bêst. Ik moást fen 'e foármiddei foár heit in
rintsje nei ús Omke Marten ta, en nou bin ik hjir lâns
gien om mei-iens to sjen ho 't yet mei Lieue giet. Ik
haw him sount forlíne snein-to-joun net spritsen.

SYBREN, (*Hij set in stoel bij de taefel.*)

Kom, der doch je fiks oan. Fal hjir hwet nêst mij
del. Der stiet in stoel. Dat 's nou 'ris hiel unfor-
wachte, scoe 'k sizze. De measte tiiden dat jou oars hjir
komme, wíte wij er or'naris foárôf wol sa'n bitsje fen.

MÁERY.

Ja, jou komme ús diz' kear hiel-end-al oer 't mat.
 Wij scoene krekt koffydrinke. Jou scille fèst eak wol
 sin oan in pántsjesfol ha', oars ?

KLAES.

As-t-jou bilieaft, vrou. (*Hja jiet him yn.*)

SYBREN.

En wolle jou eak net e'ris oanstekke ? In piip ef in
 sigaer ? Jou lange piip is yet biwarre.

KLAES.

Ik scil de koárte piip mar efkes stopje. Hwent ik kin
 net lang sitten bluie. (*Hij krijt syn piip uit 'e bûse.
 Sybren rikt him it tabaksfetsje, de quispeldoar en
 in útplúser ta.*) Mar, wer is Lieue ? Net thús ?

SYBREN.

Hea ja, ha je him net op it hiem sjoen ? Hij moát
 efterhûs wêse.

KLAES.

Né. op it hiem wier nimmen.

MÁERY.

Ik scil de faem efkes nei elteren stjâre om him hjir
 to heljen. It binjt mij, dat er yet net wer yn 'e hûs
 komd is. (*Hja rint nei de doar en ropt :*) Hiltsje, rin
 efkes nei efterhûs ; sjen dat-ste Lieue der synste, en siz
 den tsjin him dat er hjir komt, om 't er immen op him
 sit to wachtsjen. (*Min heart roppen :*) Kom, vrou !

KLAES.

Hat it Lieue eak spíten, dat wij net nei Liowert ta binne ?

SYBREN.

Nou, al hwet, leau ik. Mar hij lit him trochstrings oer sok soart fen dingen in bítsje út.

MÁERY.

Ik hab er oars eak net sa folle fen mirken, mar oei in hoártsje wier er hjir allinne bij mij yn de keamer, en do wier-d-er sa núwerich, thocht mij. It wier krekt est er it ien ef oar bard wier, der er oer mymere. Mar dat koe ommers net fen dij mistrybele Liowter-reis komme.

KLAES.

O, den bigryp ik it wol. Hij skynt it dos eak al fen de iene ef oare heard to habben.

SYBREN.

Hwette, Klaes ?

KLAES.

Jimme wite it yet net, merk ik. Den wol ik it jimme earst mar fortelle, foár 't Lieue de keamer ynkomet. It wier in oanlieding mei, hwerom ik únderweis e'ris bij Lieue oansjen woe. — Riuerde Pyter hat earjister-joun by Lieue syn faem, Wikje, wést.

MÁERY, (*rimpen.*)

O fij ! En ho fierder ?

KLAES.

It lyket tige srjeamd, mar Wikje hat him halden, en hwet mear is, hja is sen 'e moarn mei him út to riiden gien.

MÁERY.

Nei Liowert?

KLAES.

Dat sprekt, ja.

MÁERY.

Dat gemiene frouminsk! Hwet in skand'lik dwaen. Ho doar hja it to bisteau, scoe min sizze. Sa lang hat hja nou al mei Lieue oanhalden, en forlínne snein-to-joun hat Lieue yet bij hiar wést. Eu den scoene jimme yet eak wol mei-n-oar út! Nou fetsje ik yn-ienen hwet er fen 'e moarn mei Lieue aan wier. De ien ef de oare hat him dat njs fèst forthiúske, en hij hat er neat fen útlitte wollen.

SYBREN.

Krekt sa'n gemiene streek fen sa'n falske lûbes as Pyter, om Lieue fen syn faem ou to wrotten. Sa'n Judas! As je mei him praete, is er jimmer lyke lieaf en frieunlik, mar efternei ? Hwa 't-er egentlik is, blykt nou sa klear as de dei. Dij 't sa'n min syt útfiert, lit him yn-ienen kinne. Yn pleats sen nei in faem to gean, dij 't frij is, hat er wer krekt sa lang omstrúnd, dat er it spiltsje foar-en-oar hie om ien fen syn kameraeten

it soaltsje to lichten. As er der nou neat fen witen hie, mar it hat him dealse skoan bikind wést, dat Lieue forlínne wiike yet by Wikje wést hie.

MÁERY.

It is knap dwaen, scoe ik sizze, en dat yet wol foár in feint út it selde gea, dij 't oars mei Lieue soms open-út giet. Soks hie 'k dochs nea net fen him forwachte. It is troch en troch gemien. Mar ik kin mij eak net bigrype, ho 't Wikje sa sliucht wèse koe om him to halde en yn-iennen mei him út to riiden gean. As hja Pyter lieaver hie as Lieue, ef thochte dat dat in fornaemer feint wier, moást hja it den earst net op in ordintlike wiize mei Lieue útmakke ha?

SYBREN.

Sa binne de trouliu. Me kin der nea op oan. Disse selde faem, Wikje, der 't yet wol sa heech fen opjown wirt, dij 't in wiike sen to foaren yet mei in feint, dij 't amper trije fearnsjier bij hiar roun hat, opstelt om mei-n-oar út to riiden, krúpt de folgjende snieuns al in oar op syde. Hja scil er foárôf eak wol fen witen ha hwet Pyter fen sins wier. Lichtwol, dat dàt egentlik de reden wier, hwerom 't hja it pleisierreiske mei Lieue hwet útstelle woe.

KLAES.

Né, dat scil' jou wol mis hawwe. Hwent it útstel is meast fen Anke útgien. Wikje wier der oars hird

tsjin, skrieu Anke mij. — Mar it bigreatet mij om Lieue. Al wier 't mei Wikje en him *yet* sa'n losse frijerij, hij scil er dochs tige mei to dwaen habbe, dat Pyter him dit oandien en Wikje sa hannele hat. Mij thinkt, wij moátte er strak mar net oer bigjinne, as er de keamer ynkomet. As wij mei ús beiden binne, kinne wij er better oer praete.

SYBREN.

Dat leau ik eak. Hwent hij wit nou yet eak net, dat jou bikind binne mei it jinge er bard is.

KLAES.

Derom. (*Lieuë komt troch de doar. Hij sjucht hwet forbûkke.*)

ACHTSTE TOANIEL.

De foarigen. LIEUE.

LIEUE, (*Hij rint op Klaes ta, dij 't opstean giet.*)

Wol Klaes, dat hie 'k hiel net forwachte *dy* hjir tyne to scillen. Dat treft moai. Goe'n dei, frieun, yet soun?

KLAES, (*hja fûskje.*)

Flink hear, en ho is 't mei dij?

LIEUE.

Goed. Mar ho komst-dou hjir fen 'e moarn sa aerdich?

KLAES.

It moaye waer lokke mij út, om dij e'ris efkes op to siikjen, moáste rekkenje.

MÁERY.

Ho bist sa lang weiblieun. jonge? Jimme heit hat al in hiel skoft thús west. Wij thochten hieltiid dat-ste hjir wol wer komme scoeste, om mei ús to koffydrinken.
(*Hja skout him in pántsje fol koffy ta.*) To, drink mar ringen e's op. 't Is al bikuolle fen 't lange stean.

LIEUE.

Kom, mem. (*Tsjin Klaes.*) Der scil fést eak wol hwet oars aan 't hantsje wése.

KLAES.

Ja, ik moat yet efkes nei ús omke Marten ta (*Hij sjucht op syn horloasje.*) Ik hab yet in ûrke tiid om hjir to plasterjen. Den moat ik eak nedich foart.

SYBREN.

Kom frou, wolle wij de feinten den fjirder mar net togearre litte? Hja hawwe mei hiar beiden fest yet wol it ien ef oar to forhakstükjen.

MAERY.

Om mij wol, it wirdt eak hege tiid dat ik nei it fjûr sjuch; Lieue kin jimme yet wol-d-e'ris ynjette, as jimme mear koffy hawwe wolle. (*Hja giet ou.*)

SYBREN, (*tsjin Klaes.*)

Nou, foár 't jou foart geane, sjuch ik jou efterhûs yet wol, n't wier?

KLAES.

Wol síker, ik scil altiid efkes òfskie nimme. (*Sybren eak ou.*)

NIOGGENDE TOANIEL.

KLAES. LIEUE.

KLAES.

Der wier 't my krekt om to dwaen. Ik woe graech e'ris
ûnder flower eagen mei dij prate. Ho bist er ûnder, Lieue ?

LIEUE.

Hast *dou* it den eak al heard, fen Wikje, Klaes ?

KLAES.

Ja, ûnderweis yn 'e herberge bij Krym Ales, der 't ik
de piip effen oanstiek. De kastelein wist mij alles mei
kleuren en geuren to forheljen. Hwa hat it *dij* oan-
brocht, Lieue ?

LIEUE.

Us feint, dij 't fornomd hie fen Jow Rinderts jonge,
kaem hjir om mij gau it greate nijs oer to bringen. ---
Scoe 't síker sa wêse, Klaes ?

KLAES.

Ik woe wol jonge, dat ik sizze koe fen né, mar nei
al 't jinge ik er nou fen heard ha, kin er gjin twiivel
mear oer bisteau.

LIEUE, (*Hij is underwyles opstean
gien en rint de keamer op
en del.*)

Ik moát it den oannimme, en dochs kin 'k it hast net dwaen. Ik kin it thinsbield net foár-in-oar krije, dat Wikje eat yn steat wêse scoe *kinne* om mij sa freaslik to bidraegen. Klaes, Klaes, och hwet spyt it mij!

KLAES.

Dat kin 'k mij bigrype, jonge.

LIEUE.

O, ik kin nin wirden fyne om dij to sizzen, ho 'n forthriet as dizze set mij oandocht. As ik ea op ien fortroud haw, den wier 't op Wikje. Ik skatte hiar sa heech. Hja wier jimmer sa blier en gol, sa iepen en roun. Hwet ha 'k mij jamk lyts field tsjin oer hiar, om 't hja sa'n from en eabel herte hie. En dat dat-selde famke nou sa sliucht wirde koe.

KLAES.

It is hird foár dij, ûntsettende hird eak, dat 's wier.
Ik haw er eak hast lyke folle mei to dwaen as dou.

LIEUE.

Dat is foar mij it swierste to dragen, Klaes, dat Wikje ta soks *oergean koe*. Sjuch, as Pyter hiar better feint talike as mij, dat moást hja sels bioardielje, mar al wier dat sa, (ik leau yet net dat *dit* it wést hat werom hja him halden hat), den moást hja him snieuntojoun dochs

nin tawird jown en yet folle minder hioed al mei him
ut to riiden gien ha.

KLAES.

Né, as hja hiar knap halden hie, hie hja him ousté-gere sa lang as hja de frijerij mei dij net oan 'e kant makke hie.

LIEUE.

En al ha k it yet nea net tsjin hiar útere, ik halde sa'n bulte fen hiar. Ik wist sels net ho tolle, mar nou, nou 't hja mij ûntnomd is, is 't krekt ef alles om mij hinne yn-ienen neare nacht wirden is. Hwa hie dat ea thinse kind? Sa'n set komt to hird oan. It is krekt eft myn herte boárste seil.

KLAES.

Dou moást er dij kreftich ûnder halde, Lieue, sa folle as-te kinste Lit de moed yn-ienen net hiel-end-al sakje.

LIEUE.

Och Klaes, hwet praetste? Hwet wille haw ik yet, nou 't ik eltse amerij mei myn gedachten wer op dat-selde sté weromkom: „Wikje mij ûntkaept troch Pyter, foár jimmer ûntnomd !”

KLAES.

Hou, hou, nou fierd dyn smerte dij da'lik sa fier, frieun. Hwa wit ho koárt it mei Pyter bij Wikje duorret.

LIEUE.

Sa'n skarlún, net! It is den wol útkomd sa-t-ik

lèsten to Bolswert tsjin dij sei, dat er net to fortrowen is. En dat ik dat *sels* sa koárt dern ei op sa'n hirde wiize únderfyne moát. Der hie 'k do wol it alderminste thinken om Hij moát mijे'ris wer mei syn falske troánje en flieunske tonge ûnder 'e eageu komme. Hwet scil ik him den de wierheit sizze. Ik kin mij net goed halde as ik him wer met. Ik scil him syn gemiene dwaen om 'e noas wriue, en net op in sefte manier, dat wik ik him. Ho mear asder bij binne, ho ljeaver as ik it haw, sa'n stjonkert! Hij scil it fiele op alderlei wiizen, dat er sa'n falske streek tsjin mij útfierd hat. [†]Ungelokkich as ik er him 'ris wer foár krije ken! Den seil ik him net sparje. It is mar goed, dat er op dit stuit net foár mij stiet, hwent den scoe 'k mij sels gjin master blyue kinne.

KLAES.

Dou scilst, hoapje ik, wiizer wèse. As-te allegearre útfierste hwet-ste nou op it earste amerij tsjin Pyter yn 't sin haste, scoest blyk jaen, datste net folle heecher stietste as hij. Mei ik dij in goe rie jaen, den scoe 'k in dyn plak tsjinoer de minsken, en yn de earste pleats tsjinoer Pyter, neat fen dyn leed skyne litte. Hald de holle der foar, as-te bij in oar biste, foáral únder ús kameraeten en bilieaven as Pyter der bij sit. Den toanste in kearel út to meitsjen, dij 't syn smerte wit to forkropjen, en foár 'e minsken neat merke lit ho 't syn

herte fen binnen bliet. En Pyter scil der sa folle to minder eare fen hawwe dat er dij sa'n loech ūfsjoen hat. As-te tsjin him opspinsté, hat er der just dûbeld wille fen. Né, rin him stil foarbij, hald dij great foar him en bear as ef it dij ûnforskillich is. Den haldst dij it ealste, en krijt Pyter krekt de straffe, dij 't er fortsjinnet.

LIEUE.

Dat is allegeare moai en goed, mar haw dij selsbi-hearsking e's, as-te sa'n trieu krige haste.

KLAES.

Dij moaste sjen to krijen, sa ringen as-te kinste. Hioed en moarn seil 't licht yet spanne. Mar probjeare je it den oaremoarn e's. Síker Lieue, dou kinst net better dwaen. Oan hwet er bard is, is op dit amerij dochs neat to foroarjen. Mar fortel mij e'ris, hast er foárhinne eat hwet fen mirken, dat Pyter mei Wikje ef Wikje mei Pyter op hie?

LIEUE.

Né, neat. Pyter hat tsjin mij omtrint nea in wird oer Wikje útlitten, sa slim wier-d-er wol, en hwet Wikje en mij oangiet. wij hawwe 't nimmer oer Pyter hawn, ef it moást tafallich sa yn 't pitear topas komme, en den ha 'k hiel-end-al net bispeure kinnen, dat hja eak mar yn 'e fjirte oer Pyter thochte.

KLAES.

En werom scoe hja him den sa yn-ienen oanhalden ha, scoest thinke ?

LIEUE.

Och, ik kin 't mij oars net bigrype ef hja moát in amerij forblyne west hawwe om 't Pyter fen oansjenliker kom-ôt is, mear jild hat en him greatskeepsker wít foar to dwaen, as ik. En hja woe ik jern nei Liowert ta, dat, hwet ús oangyng, forlínē wíke troch Anke driuen tsjin *hiar* sin om 'e oarloch útsteld is, lyk aste witste. Mar ik siz dij foár fêst, dat hja er letter birou fen hawwe scil. Pyter hat hiar foár in setsje mei syn moaye praetsjes sâñ yn 'e eagen struid. Derom haldt hja lykwol yet net mear fen him as fen mij. Dat kin sa net wêse. Derta haw ik to lang mei hiar omgien, om dat net better to wíten.

KLAES.

As ik dij wier gyng ik er takomme snjeun- ef snein-tojoun wer hinne. Ik woe wíte ho 't de foárke yn 'e stalle sit, en Wikje moát it dij útlizze. Dij werom-stjûre súnder in wird to sizzen, scil hja dochs net bi-stean doare.

LIEUE.

Né, dat scoe hja eak net dwaen. Mar mienste, dat ik nou yet ris nei hiar tariide scil foar boántsje-lap, allinne om to fornimmen werom eft ik sa goed net bin as Pyter? It lyket er mij neat nei. Den scoe Pyter mij to minsten letter úvlaitsje en hwet scoe 't jaen? Hirde worden scoeden er lichtwol falle, en al hat Wikje

mij yet sa min bihânnelle, *der scoe 'k, wit 'k siker,*
 letter birou fen ha, as ik hiar in lilk wird sein hie.

KLAES.

Ik leau eak dat-st' gelyk haste. It is mar better,
 dat-ste hiar stil hiar gong gean litste. Wikje hiar kar
 skynt, sa 't op dit stuit lyket, op Pyter to fallen. Lit
 hiar mei him hinne reisgje Mar, ik moát nedich
 opstappe, bringst mij in eintsje it paed út?

LIEUE.

Ja, den scil 'k it efkes tsjin heit sizze. (*Hja geane
 de keamer út*)

't Girdyn falt.

Fjirde útkomste.

It binhûs s'en Minne Gerbens. Oan 'e riuchterhân in mourre, hweryn in pear finsters binne. Efter yn 't fortrek in bedsté ef ledikant. Oan 'e lofterkant de skoárstienmantel, en de doar nei de binhûsgong. De hiele keamer is mei matten bilein, hweroer sahwet yn 't midden in tapyt, der 't de taefel op stiet. Fjirder hjir en der stuollen. Op de taefel steane kopkes en pântsjes en in pear drankfleskes.

(Yn disse útkomste moát hieltiid súniche praeten wirde,
sa dat de sieke, dijt-op bêd leit, achte wirde kin
it net to forsteaan.)

FOARSTE TOANIEL.

Boer MINNE. ANKE, (*Hja steane bij de taefel,
elk op in hoeke.*)

As de feint nou mar hird oanriidt ! De Reade Leane
snijt in hiel ein ou, en is tsjinwirdich eak net sa min
om er mei in los hynser lâns to kommen. Hij kin hast
bij Sybrems wêse.

ANKE.

It is net to hoapjen dat Lieue fen hûs is. Den scoe 't yet bislaen kinne, dat er dochs noch to let kaem.

MINNE.

Wij wolle dêr it beste mar fen hoapje. Sa folle daegen hat dat lieave bern er oerlein to mymerjen ef se hiar bijearde wol úterje scoe, en nou 't einling oer hiar lippen komd is, hwet hiar sa lang swier op 't herte lein hat, scoe 't mij tige oandwaen as Lieue hjir yet net *ienris wesen* en hiar spritsen hie.

ANKE.

Ja, dat scoe mij eak freaslik oangriize. En hja het sa'n forlangst om Lieue yet ienkear foár hiar dea to sjen. Och, hja wol sa jern mei him formoedsoene, foár 't hja hjir wei moát. It earme sloaf! (*Hja bigjint to snikkerjen en trieut de bûsdoek foár de eagen.*) Hwet bigreatet it mij om hiar. Hja hat jimmer sa'n goede sister foár mij wést. Altiid lyke yverich en blierzertich. Nea nin krimmearjen oer dit ef dat. Sjongende en laitsjende, as hja mar soun wier, die se it wirk en roun se it hûs troch. Och, och, dat ik hiar nou al misse moát. Ik kin 't mij net bigrype!

MINNE.

Bidarje dij, Anke; dou hast dij al disse dagen kreftich bitoand, doch dyn bêst om dat oan 't ein ta fol to halde. As wij Wikje, myn lieaf bêst bern, misse moátte,

hwet bleut ús den oars oer as deryn to birêsten ? It scoe mij, en ús allegearre, as in flym troch 't herte snije, as wij hiar it hûs útdraegen sjen moásten, mar wij hawwe de oertsiúching, dat wij neat hwet wij birikke koene úntsjoen hawwe om hiar yn 't libben to bihalden. Mear kinne wij net dwaen. It oare moátte wij dildich ôfwachtsje en draege, al is it pak fen smerte bijwylen eak hast to swier, om dat lêste to kinnen. It is yet sa koárte jierren lyn, dat wij jimm' mem nei 't tsjerkhoaf bringe moásten !

ANKE.

It is krekt ef it leed ús eak jimmer efterfolget. Foár in jier ef fiif ús goede mem ; do is ús lyts broerke sa hastich stoarn, en nou scoene wij mei koárten miskien Wikje, de fleur yn hûs foár ús allegearre, eak wer forliese moátte ? It is net om oer to kommen. Och heit, hwet scoe 't foár jou eak in hirde slach wêse.

MINNE.

Dat scoe 't myn bern, foár mij yn de earste pleats. Ik kin 't faeken mar amper leauie, dat it sa komme *kin*, mar de únderfyning yn myn libben en de útspraek fen de dokter twinge mij om mij oan it thinsbield to wennen, dat de dagen, lichtwol *de âren*, mei hjar teld binne. Forlínne simmer hie 'k yet moed ; bja is sa jong, thocht ik do, en yet net alhiel útgroeid, hwa wit ho ringen der in gunstige kear komt. En de winters derop

en fen 't simmer eak yette. lyke hja ommers eak wer sa fiks. Mar do 't yn 'e neisimmer de alde kwael wer sa hird oantaeste, bigoun ik da'lik al binaud to warden, al hie 'k yet net forwachte, dat it sa hird gean scoë As Lieue nou net e'ris mei komme wol; hwet er fen dit hûs ûnderloun hat, jowt him der wol riucht ta.

ANKE.

Né, dat hoef jou net to forwachtsjen. As ik Lieue goed kin, den scil hij net weiblue, mar yn ienen biret wêse om mei to gean. Hij hat in fiers-to-nommel herte, en haldt yet to folle fen Wikje, eak nei it jinge er bard is, om hiar dit forsiek to wegerjen. (*Me heart sen 't bed ou súnic hroppen: Anke!*) O, der ropt hja al wer aan mij! (*Hja rint hird nei it bed ta.*) Hwet is der oan, Wikje?

OARDE TOANIEL.

De foarigen. WIKJE.

WIKJE. (*dij it girdyn in bitsje
mei de hân oan 'e kant
stryket, sa dat min hiar
antlit sjucht.*)

Is de feint yet net werom, Anke?

ANKE

Né, lieave, mar hij kin er eltse amerij wer wêse.

WIKJE.

Scœ . . . Lieue mei komme ?

ANKE.

O, grif; twiivelje der mar net oan.

WIKJE.

Ho let is 't ?

ANKE.

In bitsje oer floweren, wij hawwe de lampe al opstitten. Mei in healûre scil Lieue hjir wol wêse. Gean sa lang yet hwet rëstich lizzen, lieave. Wol ik dyn këssens hwet opskodsje ? (*Hja docht dat.*)

WIKJE, (*op in toan sen smerte.*)

Ho lang scoe 't yette duorje scille ?

ANKE, (*Hja forbrekt hiar triennen.*

It girdijn wer hwet oanstrykende, rint hja wer nei de taefel nei hiar heit ta, dij 't undertwiske sùnder op-halden de eagen nei it bedlein hat.)

MINNE.

Wirt se al mismoedig ? Hwa scoe der eak níget oan hawwe ? It is wunder, dat hja hiar, ûnder al hiar lijen yet sa lang dildich halden hat.

TRÊDDE TOANIEL.

De foarigen. OEDS, (*komt súnicckes de doar
yn en wol nei it bêd
ta gean. mar Anke
bitsjut him mei de hân,
dat er dat net dwaen
moát.*)

MINNE, (*rimpen, net to lûd.*)

Is de feint der al wer ?

OEDS.

Ja, hij is krekt sa wer thûskomd.

MINNE.

En ?

OEDS.

Lieu seoe him foart yn-ienen esternei riide.

MINNE en ANKE, (*tagelyk.*)

God-thank !

ANKE, (*giet nei it bêd ta en tilt it
girdyn hwet sen syden, Oeds
rint hiar esternei.*)

Wikje, lieave, Oeds is de keamer ynkomm'd en fortelt
ús dat Lieue oanstâns to forwachtsjen is.

WIKJE.

Is 't wier ? Och, Anke hwet bin ik der bliid om.

ANKE.

Jow dij nou foaral yet efkes del, bëste Wik, den biste strak sterker, as Lieue hjur is. Hast eak yet in bulte pyne? Wolst' eak hwet drinken ha? (*Hja helpt hiar toriuchte lizzen.*)

WIKJE.

Né, thankje Anke. Sa is 't goed. Lit mij nou mar sa lang stil lizze. (*Anke docht it girdyn wer oan.*)

ANKE, (*nei de taeſel geande.*)

Wolle wij nou net effen sitten gean? Ik bin sa wirch, dat ik myn fuotten amper mear fiel.

OEDS, (*Hij set in stoel foár hiar del en giet sels eak sitten.
Minne docht allyk.*)

Och, och, hwet wier ik er mei yn oálder do 't Japik mij sei dat Lieue komme scoe. Hwet seil dat in forlichting foar Wikje wëse, roap ik da'lik út.

Dij stakkert, dat hja sa lije moat! Ik wit net hwet ik wol jaen woe, as hja wer better wier. Alle wille is mij yn de lëste daegen üntflein.

MINNE.

En Anke en mij net minder, jonge. Sjuchste net ho 't Anke er ënder lijt en ho 't hja in de lëste wiiken forquint? Hwa scoe eak yet libbenswille ha, as it leed jimmer op 'e nij mei syn pleagen it earme minske-herte bûket? De wille giet yn sekke tiiden hinne, en wij

meye wol soárgje, dat de stille birésting yn it ûnbigryplik minskelot net mei hiar foartfliucht, foáral net, as wij de skeale, mei it swart forthriet deryn, skien út-drinke moátte. Hwent den scoe 't yn dat druowige amerij sa akelich thiuster en forlitten binnen yn ús wêse, dat de kreft om stean to bliuen yn dit riedseleptiche libben ús neibij úntsinke scoe.

. Hwet wier Japik wearfean bij Sybren en hiarre, Oeds ?

OEDS.

Hij sei : Lieue syn alden hieden fen sels tige frjeamd bij syn boadskip opharke, en earst yet al hwet tsjin-keard, mar Lieue hie nearne oer praeten en op-slach for-klearre, dat er fêst bislûten wier om oan Wikje hjar forsiek to foldwaen.

ANKE.

Ik wist wol, dat Lieue net oars hannelje scoe. Hij koe Wikje soks nea wégerje. Hwet scil-d-er it eak mei hiar sukkeljen to dwaen hawwe ! Hwa hie dat ea thinse kind, dat er nei dij lokkiche sneintojoun yn 'e simmer net ierder as *nou*, en dat yet troch sa'n smertfolle oan-lieding, wer komme scoe. Hwet is der yn dij twisketiid net bard ! Sa kin alles yn koárten foroarje.

MINNE.

Né, hwa hie dat dochs thinke kind ; -- mar it giet al wûnderlik yn ús libben. En ho 'n bítsje binne wij er

jamk sels master fen! Wij rinne, wrotte en skreppe,
en wirde undertwiske troch alderlei omstânnicheden
hinne en wer slingere, om yn 't einslûten meastal op
in hiel oar pont tolânne to kommen, as wij bij 't bigjin
ús foarstelden.

OEDS.

Scœ dokter hioed yet eak e'ris oansjen scille?

ANKE.

Nei 't er earjester sei, ja. Hij koe lykwol net ier
komme, om 't er it oars tsjinwirdich eak drok hat.

MINNE.

Hij komt grif yet, hwent hij is jimmer in man fen
syn wird . . . Hear ik der de foárdoar net gean? To
Oeds, rin der ris hinne, om to sjen hwa 't der is.

OEDS.

Kom, heit. (*Hij giet.*)

FJIRDE TOANIEL.

De toarigen, sündor OEDS.

ANKE.

Ik hoapje mar, dat it dokter is. Jern scoe ik fen him
heare, ho 't hij hioed oer Wikje hiar tastân thinkt.

MINNE.

Ik eak, al scil-d-er ús den eak nin hoap op betterskip
mear jaen kinne.

FYFTE TOANIEL

De foarigen. OEDS. DOKTER.

OEDS.

Dokter kaem mij al yn 't milhûs tomjitte.

DOKTER.

N'avend mei'noar. Ho is 't hjir yette?

MINNE.

Sahwet bij 't âlde, dokter. Wikje hat hioed yet al
rêstich wést, en de pyne wier eak net minder.

ÂNKE.

Wol je 'ris bij hiar sjen, dokter? (*Hja giet mei dokter nei it bêd.*)

OEDS, (*tsjin Minne.*)

Seil heit er dokter net nei freegje, ef it eak kwea
foár hiar mei, dat hja Lieue wer sjucht?

MINNE.

Ja, ik seil der mei dokter oer praete, jonge. (*Tsjin dokter, dij mei Anke bij 't bêd wei komt.*) Ho lyket
it jou ta, dokter?

DOKTER, (*súnich, wylst alle trije him
forlangjend oansjugge.*)

Me kin der net folle fen sizze. Dit mien ik lykwol
net forswije te meyen, dat it, nei myn ynsjen, nea lang
mear duorje kin. Lichtwol dat it ein yet ûnforwachte

komt. Hoap op betterskip binne wirden, dij-t-ik hjir net mear útsprekke doar, al scoe 'k it eak tige jern dwaen wolle. Dat haw ik oer in wíke ef twa al sein.

MINNE.

Soe 't hiar neidiel dwaen kinne, as hja yet 'ris in wirtsje-mennich prætte mei immen der 't se in bulte fen haldt? Lyk as jou wíte scille, hat de soan fen Sybren Jennema, Lieue, foárhinne gâns in skoftke bij hiar roun. Dij frijerij is fen 't simmer hwet hommels oan 'e kant rekke. Der hat hja yn 'e lëste wiken vrij hwet mei to dwaen hawn, sa 't hja hioed tsjin ús sei, en derom woe hja Lieue graech yet 'ris sprekke. Ik haw derop de feint foartstjård en dij hat it boádskip mei werom brocht, dat Lieue da'lik hjir hinne riide scoe.

DOKTER.

Ik sjuch der gjin biswier yn, as hja hiar mar net tofolle oerstjûr makket hwent den scoe sa'n wersjen wol-d'-ris to hird foar hiar oankomme kinne. Oan 'e oare syde is 't better dat hja yet e'ris mei dij jongfeint præt, as dat hja eltse amerij oer sa'n saek leit to mymerjen. Wier dat sok great wirk mei Lieue en hiar?

MINNE.

Och dat wít ik just net. Hja hat ús dat foártiid nea skyne litten.

OEDS.

Wol ik es efterhûs sjen, heit, ef 't er yet nimmen is?

MINNE.

Ja, doch dat jonge.

SEKSTE TOANIEL.

De foarigen, sünden OEDS.

DOKTER, (*Hij sjucht nei de fleskes op de taefel.*)

Is it drankje sa-nei leech? Den seil ik de jonge moarn-ier mei in nijen-ien hjirhinne stjûre.

ANKE.

Wij hawwe hiar eltse kear op tiid ynjown. (*Lieuë en Oeds komme togearre it fortrek yn.*)

SAUNDE TOANIEL.

De foarigen. LIEUE. OEDS

LIEUE, (*tige sen 'e wiize, rint yn ienen op it bêd ta, mar dokter settet him bij de earm en lukt him op in sejte manear tobek.*)

Ho is 't mei Wikje? Libbet bja yet? Lit mij gau bij hiar sjen!

DOKTER.

Foart yn ienen kinn' jou nei hiar ta gean, mar earst moát Anke it tsjin hiar sizze, dat jou hjir binne. Bidarje jou ûndertwisken eskes, jongfeint, jou binne alhiel úntdien.

MINNE. ANKE

'n Joun, Lieue. Ho giet it *jou* yet?

LIEUE, (*steekt hiar de hân ta.*)

Sûnt ik sa ûnforwacht it boádkip krige om hjir to kommen, is 't krekt ef ik mij sels net mear bin.

MINNE.

Dat is to bigrypen, Lieue. It moást dij eak wol tige to herte gean.

LIEUE.

En hja woe dos jern yet 'ris mei mij praete?

MINNE.

Ja, hja hat der al forskaete daegen oer lein to praktisearjen, dat se dij, foar hiar ófskie fen de wrald, yet ienkear sprekke moást. Net ierder as hioed hat hja dat lykwol útere, en do ha wij dij yn-ienen boádkippe. (*Tsjin Anke.*) Gean nou effen nei Wikje ta, liea, en freegje hiar ef Lieue da'lik mar bij hiar komme scil.

LIEUE, (*dij 't syn antlit sùnder ophalden nei it bêd ta keard haldt*)

Ja, ik kin net langer wachtsje; ik moát bij hiar sjen.

Dat sloaf! Hwerom mat hja nou sa forquine? (*Anke bitsjut him, dat hij komme kin. Hij giet nei Wikje ta, bûcht him hwet foároer, grypt hiar bij de hân, en seit op in toan sen smerte :)*) Wikje, lieave, der bin ik al. Ho is 't nou mei dij?

WIKJE.

Net bêst Lieue. Ik scil wol net lang mear to libjen hawwe.

LIEUE.

Och, Wikje, hwet wier ik bliid mei it boádskip fen dij ef ik hjir komme woe, mar hwet soárge ik er ta-gelyk eak tsjin oan, om dij *sa* wer to sjen.

WIKJE.

Der is in bult foroare sûnt as-t-dou forgongen simmer foar 't lëst hjir wést haste, Lieue, foáral mei mij.

LIEUE.

Hwa hie do thocht, dat-ste hjir nou siek op bêd lizze scoeste?

WIKJE, (*langsum.*)

En hwa hie do eak thocht? Lieue, wij moátte yet in pear wirden mei'noar praete, foár 't to let is. Freegje heit en hiar ef hja ús net in amerij togearre litte wolle. Hwet ik dij to sizzen haw, is hiel-end-al eat twisken ús beiden; der moát nimmen oars bij wêse, sels myn neiste miigen net.

LIEUE.

Kom, Wikje! (*Hij giet sen 't bêd ou.* ^A*Undertwiske*

hawwe Minne, Anke en dokter mei elkoar mûskoppe.
De earste seit tsjin Lieue:) Wij hawwe it al heard,
Lieu. (Nei it bêd geande.) Wij scille mei ús trijen
sa lang nei 't milhûs gean, myn bern.

DOKTER.

Meitsje jou bilieaven net oerstjûr, Wikje. Blieu safolle as jou kinne bidaerd, en praet eak net tofolle mei jimme beiden. As 't mij to lang duorret, moát ik hjir wer bij jimme komme, om er in ein oan to meitsjen.

ANKE

Hast earst ek yet hwet nedich, Wikje ?

WIKJE.

Né, Anke Ik forlangje oars neat as myn herte to ûntlestigen. As dat foârbij is, scil ik gerêster wêse.
(Hja geane de doar út.)

ACHTSTE TOANIEL.

LIEUE. WIKJE.

(Hij giet op in stoel bij it bêd sitten en settet
haar hân beet.)

WIKJE.

Die 't dij net nij, Lieue, sa'n boâdskip fen mij to ûntfinsen ?

LIEUE.

Ja en né, Wikje. Ik hie foár in wijs ef hwet al fen

dyn sjeachtme heard en wist derom dat-ste net goed wierste. Eak hie 'k al jamk der oer thocht dat wij elkoar yet wol-d-'ris sprekke scoene, — mar dat dit hioed, op dyn eigen forsiek, barre scoe, hie 'k nea thinse kind.

WIKJE.

Myн libbenstried scil ringen ouspoun w  se
n  , lit mar gjin triennen rinne al seit dokter
eak tsjin mij, dat ik wol wer better wirde scil. Ik fiel
it wol oan mij sels. Hja wolle mij mei in ydele
hope paeye.

LIEUE.

Och, Wikje, lieave, praet sa net

WIKJE.

N   Lieue, s  ker it is sa. It hat mij earst eak in bult
forthriet koste fo  r ik it sels leaue woe. Ik woe sa jern
yet hwet libje! De wrald laeke mij sa oan, en ik bin
yet sa jong! Mar it lyket net to meyen. (*Hja is oan-*
dien en haldt in doek fo  r de eagen.)

LIEUE.

Krekt, omdat-ste yet sa jong biste, scilsta eak sa-folle
to ierder wer better wirde kinne!

WIKJE.

Mocht it sa w  se! Mar it kin net mear. En om 't
ik dat dei oan dei mear bigoun yn to sjen, bin ik er
fen 'e middei einling ta oergien om heit to freegjen,
hwet mij de l  ste wiken jimmer yn 'e holle omgien en

op 'e tonge lein hie, to sizzen : ef 't er dij út myn namme helje litte woe.

LIEUE.

En ik haw mij yn-iernen ré makke, om sa gau as ik koe bij dij to kommen.

WIKJE.

Dat haw ik sjoen, Lieue, en ik kin dij net sizze ho goed mij dat docht. Ik hie 't net oan dij fortsjinne. Hast dij nacht yet foár dij dij lèste moaye simmernacht, dat-ste bij mij wêst haste ?

LIEUE.

Ho scoe 'k dij nacht ea forjitte kinne ? Sa'n dei is der neitiid net foarbij gien dat ik net tochte oan dij lèste lokkige ûren bij dij yn dit hûs slîten.

WIKJE.

En hwet ha 'k mij soart dernei sliucht tsjin dij hal-den, net ? Och, och, hwet ha 'k der letter in forthriet ten hawn ! Dat kin 'k dij nea sizze. Dou hiest mij jimmer sa hiel oars bihannele en haldste sa folle fen mij. Mar ik ha mij hiel-end-al fen in flaejer meinimme litten Lieue, Lieue ! (*Hja salt mei de holle op it kessen del en kryt de lèste wirden út.*)

LIEUE, (*Hij steunt hijar holle.*)

Hald dij bidaerd lieave, sa folle as yn dij is. Wot-te eak hwet kald wetter ha ? (*Hij rikt hijar in glês ta ; hja drinkt er in pear swolchjes út.*)

WIKJE.

It is al wer hwet oer Liz it këssen in bïtsje better tsjin myn rêch oan. (*Hij docht dat.*) Sjea sa Thankje Lieue Do 'k dij de wensdeis nei dij lêste sneintojouns dat briefke stjûrde, om ús pleisierreiske nei Liowert út to stellen, wist ik yet nearne fen. It útstel wier eigentlik Anke' wirk, dij troch al de oarlochs-praetsjes yn dij dagen bang warden wier om op dat stuit út to gean. Mar de sneintojouns derop kaem Pyter hjir it hiem opriiden. Ik wist súver net hwet ik seach

LIEUE.

Hied er dij den foárôf net in briefke skrieun ?

WIKJE.

Né, as er dat mar dien hie, wier der mij in bulte leed bisparre blieun. Hwent den hie 'k him yn-ienen andere dat er der gjin wirk fen hoefde to meitsen om nei mij ta to gean. Mar hij kaem ûnforwachte. Ik woe him earst blau jaen. Dochs hij halde sa oan, dat it sa'n skande foár him wèse scoe, as ik dat die, en ef ik den absolut net, al wier 't eak mar de heale nacht, bij him opsite woe, en hij wist derbij sa moai to praten, dat ik, eak al troch syn deftich foarkommen en syn aerdiche manear om mei jin om to gean, einlich tajowech en bij him sitten gyng.

LIEUE.

Wermei-'t-er de earste en slimste reed fen dij woun hie.

WIKJE.

Ja, hwent do 't er ienkear sa fier wier, kinst nea thinke Lieue, hwet prikken as er derop yn 't wirk sette, om mij fen dij oukearich to meitsjen en sels bij mij **yn** in moai blêdsje to kommen. Ho fyn wist er it oan to lizzen om mij yn syn fûken to fangen ; den wer sprekke fen syn heite jild en oansjen, en as dat net 'enoach holp, den mij mei plompkebjizzems stryke. Sa rekke ik alhiel forbiustere en hie 'k him earder as ik 't sels hast wiste, bij 't ouskie ûnthijitten om de mendeis deroan mei him út to riiden to gean. Ik wit yet nea net ho 'k derta komme koe

LIEUE.

Ik hie 't wol bigrepen , Wikje , ho it tagien wêse moást. Der waerd mij mear as iendris sein, dou scoeste sîker Pyter Ijeaver hawn hawwe as mij, mar ik fieldé bij mij sels to goed dat dat net mûlik wêse koe.

WIKJE.

Dij dat sein hat , wist er neat fen , Lieue. Ho koe in oars eak wîte út hwet groun ik hânnle ? Mar ik haw troch myn skandlik dwaen sels oanlieding jown dat de liue sa oer mij thinke moásten

Wij rekken den de mendeis mei'noar sei Liowert. Pyter wier er tige grutsk op, dat him alles sa moai lokt wier, dat koe 'k oan alle dingen wol merke ; hij wier sa prûstich en die oars neat as in steil wird

fiere, mar al ho-t'er him eak warde om mij pleisier oan to dwaen, ik hie súver nin wille en winske neat ljeaver as mar wer thús to wesen. (*Hja haldt efkes op om wer hwet op asem to kommen.*)

LIEUE. (*Hij skikt it kessen hwet toriuchte.*)

Wachtsje efkes, lieave, dou bist skien ôf.

WIKJE.

Ik kin hast net mear Mar ik moát dij it oare eak yet sizze Do wij mei in dei twa, trije wer thús kaemen, koe 'k him fen sels net mear wegerje om mei trije wíke yet'ris to kommen. Under-twiske hoape ik yn stilte, dat-stou de snieuns ef sneins deroan noch ienkear hjir hinne riide scoeste; ik hie do al sa folle birou fen myn died, dat ik nik's fjûriger winske as dij wer to sjen en om forjeffenis to freegjen. Mar al ho-t'ik eak útseach, dou kaemste net, en lietste eak neat fen dij heare.

LIEUE.

Ho koe 'k dat eak dwaen, Wikje, nei al 't jinge er bard wier?

WIKJE.

Né, dat bigriep ik efternei eak wol; mar dochs, ik forlange sa om dij to sizzen hwet er yn myn herte oঁ-gyng Do-t'er trije wíken forroun wieren, kaem Pyter wer op-daechjen. Ik sei him ridlik gau hwer it

op stie, dat ik tige spyt fen myn dwaen hie, en dat ik him hjir út-noch-yn net wer sjen woe Al syn tsjinaxeljen holp him neat Hij gyng nydich hinne. Foart derop bin ik wer siek wirden Nou witste ho 't alles tagien is, Lieue Kinsté mij myn han-nelwiize forjaen ?

LIEUE.

Forjaen, lieave Wikje, ho freagest dat yet ? Al wiken lyn ha 'k dij yn myn herte forjeffenis skonken. Hwat er eak bard wêse mei ; ik halde en hald yet altiid fiersto-folle fen dij, om dij ea in kwea hert ta draege to kinnen.

*WIKJE, (glimket him oan, mei in
fornoeide troánie.)*

Thank Lieue, thank ! foár dij worden O, nou is mij in swier pak fen 't herte ! Nou kin ik myn holle rëstich deljaen Siz it yet 'ris, hast mij forjown, en haldste siker yet fen mij ? Och Lieue, ik ha dij eak sa lieaf ! Nin worden kin ik fyne om dat to úterjen.

LIEUE.

Ja Wikje, myn famke, dij stoarie mei Pyter is foár jimmer bij mij útdien ! En myn lieafde foár dij is kref-tiger as ien amerij to foaren yette, nou-st-dou mij mei dyn lëste worden sa boppe mjitte lokkich makke haste ; nou-t-ik de feste oerftsiuching haw, dat dij lieafde yn it djipste fen dyn herte wearklank fynt.

WIKJE, (*Hja wol oerein gean om
him de hinnen om 'e hals
to slaen, doch siicht mei
de holle op it kessen tobek,
under it útroppen :)*)

Lieu, myn bêste Lieue !

LIEUE, (*fen syden.*)

O God ! Dit is to bot gien ! De kreften bijouwe
hiar ! (*Hij rint nei de doar en ropt :*) Dokter ! kom
ringen hjir ! (*Dokter, Minne, Anke en Oeds komme hird
de keamer yn. De earste stiet soar it bêd, skoddet
de holle en seit :*) To let, hiar striid is út ! (*Oeds
bûcht him oer it bêd hinne en Minne boárst yn tric-
nen uit, wylst Anke op in stoel delsalt en mei de
bûsdoek soar de eagen it útkryt.*)

It girdyn falt.

U^t.

Printer hjerfen hat ek útjown:

DIJKSTRA, De Silveren Rinkelbel (Friesche editie)	f 0,90.
» » » » (Hollandsche »)	- 1,20.
» De Timmerknecht van Klaverterp	- 1,20.
» De Wever fen Westerburren	- 0,90.
» De Frymitseler fen Jinsenburren	- 1,30.
» Friske Winterjunenocht IV	- 1,-.
» » V	- 1,-.
» De Friske Thil Ulespegel	- 1,50.
» 't Heamiel bij Gealeboer	- 0,30.
VAN BLOM, Blommekoerke	- 0,75.
BOONEMMER, It doarpke aan 't spoar	- 1,-.
HANSMA, Sippe Scheltema	- 0,50.
DIJKSTRA, De Boeresjonger (<i>Tredde printinge</i>)	- 0,30.
» Mink mei 't orgel	- 0,25.
» Haitskemoai's klachten in 'e winter fen 1855	- 0,10.
» Petear fen Haitskemoai's bern in 'e winter fen 1857	- 0,10.
» Haitskemoai's klachten oer de nije moden	- 0,20.
» Haitskemoai's neitinken oer de franske tyden	- 0,20.
» Haitskemoai op 'e tentoanstelling fen Frysee aldheden to Leauwerd yn 1877	- 0,15.

FOR REDERYKERS:

Wirkjes mei rimen en teltjes for lju dij 't graechi
ris liwet in 't iepenbier foarlêze wolle.

WALING DIJKSTRA, Ald en Nij	f 0,90.
» » Foar nut en nocht	- 0,90
» » Fen earder en letter	- 0,90.

TOANIELSTIKKEN:

Smids Feikje ef Rjuerdom's Testemint, Toanielstik	f 0,75.
Lubbert Erechtink, Blijspil	- 0,50.
Rabbery beskamme en woldwaen beleane, Toanielstik (<i>Oarde print.</i>)	- 0,30.
It tsiede gebod, Kluchtspil mei sang (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,25.
Trije jierren letter of Levi Smoel de Lotteryjoad, Toanielstik (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,25.
De Utdraggerswinkel, Kluchtspil mei sang (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,30.
De Alde Jas, Blyspil (<i>Tredde printinge</i>)	- 0,40.
In faem en in Arbeidster by Keapman Watse, Kluchtspil (<i>Oarde print.</i>)	- 0,30.
Sökke mar mear, Kluchtspil mei sang (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,30.
De Keartlidster fen Gritsebürren, Toanielstik (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,30.
Troch 't tsjoede ta 't goede, Toanielstik	- 0,60.
Riucht en sliucht of oars om, Blyspil	- 0,40.
Mál út, Mál thús, Blyspil (<i>Tredde printinge</i>)	- 0,40.
De Skinke ef de Skelm yn 'e knip, Blyspil	- 0,25.
Thomas en Tsianke of de mislokte reis nei Noard-Amerika Blyspil mei sang (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,30.
Lubbert of de mislokte moart, Kluchtspil mei sang (<i>Oarde printinge</i>)	- 0,30.
Nanneboer en Master Slim, ef heitenoed en frijerslist, Foardracht for twa persoanen	- 0,30.
De boer by de Divelbander, Foardracht for twa persoanen	- 0,30.
Solke mei de baergefoetsjes, Kluchtspil mei sang	- 0,30.
In alde rot in 'e falle, Kluchtspil	- 0,30.
Kees Moster, Toanielstik	- 0,30.
't Wiif út to arbeidsjen, Blyspil	- 0,30.
In neef út Amerika, Toanielstik	- 0,30.
De gearjeft fen Beitske en Japik, Blyspil mei sang	- 0,30.
Ljeatde en frjeunskip, Toanielstik	- 0,30.
Ljeatde siket list. Blyspil mei sang	- 0,30.